

Wjerklank

Jiergong 10

Nûmer 19 (2016)

Tydskrift fan
it Obe Postma
Selskip

Dr. C.A. Reinberger en dr. O. Postma
oer de *Heliand*

FAN WJERKLANK EN BESINNEN

“Doe’t pake jit feint wie en
beppe jit faam ...”

‘It doe yn ’t hjoed wer wûn’

Kolofon

Obe Postma Selskip

Wjerklank is it tydskrift, dat it Obe Postma Selskip twa kear jiers útjout foar syn leden. De redaksje is yn hannen fan Geke Sjoerdsma, Geart van der Meer en Jan Gulmans.

De lêste is ek redaksjesekretaris (E-mail: jan@gulmans.com). Mei Wjerklank jout it Obe Postma Selskip ynformaasje oer de fuortgong fan aktiviteiten, projekten en publikaasjes, mar ek oare nijtsjes oer it wjerfarren fan it Obe Postma Selskip krije der in plak yn. Wjerklank jout graach romte foar gruttere of lytsere stikken oer it wurk en it libben fan Postma. Fierders jout Wjerklank omtinken oan beskriuwingen fan ûndersyksaktiviteiten, fuortgongsferslaggen, útstellen fan (nij) ûndersyk op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip, foarsafier relevant foar de Postmastúdzje.

Abonnemint Wjerklank

Njonken Wjerklank hat it OPS in webstee: obepostma.nl. Leden fan it Selskip krije Wjerklank fergees tastjoerd. Sy, mar ek oare ynteressearre lêzers wurde útneoege om, as sy in artikel bydrage wolle oan Wjerklank, kontakt op te nimmen mei de sekretaris. Adres: Obe Postma Selskip: p/a Wagnerlaan 7, Enschede. Tel.: 053-4345511; E-mail: jan@gulmans.com. It lidmaatskipsjild (min. € 17,50) moat oermakke wurde op NL74ABNA0437443620 fan it Obe Postma Selskip te Ljouwert.

Obe Postma Stichting

Donaasjes binne mear as wolkom. It selskip hat de offisjele ANBI-status. Dat bestjut dat abonnemintsjild en skinkings ôflutsen wurde kinne wurde fan de belesting. Untwerp foarblêd: Rob Lucas
Untwerp en opmaak: Frits Sieperda

Ynhâld:

Kolofon 2

Fan 'e bestjoerstafel 2

Dr. C.A. Reinberger en dr. O. Postma oer de Heliand 3

FAN WJERKLANK EN BESINNEN 7

“Doe't pake jit feint wie en beppe jit faam ...” 12

'It doe yn 't hjoed wer wûn' 17

Fan de bestjoerstafel

Lykas bekend bestiet it Obe Postma Selskip dit jier 10 jier. Op 19 novimber twatûzenseis naam Philippus Breuker it inisjatyf ta de oprjochting fan it Selskip. Grutte parten fan it destiids opstelde tsienjierreplan binne realisearre. Yn dizze *Wjerklank* wurdt yn grutte halen beskreaun wat der yn dy tsien jier allegerre bard is. It OPS-bestjoer hat lykwols noch in oantal winsken foar de takomst. Dêroer hat it bestjoer yn har bestjoersgearkomsten oerlein. Wat de winsken oangiet, giet it yn it foarste plak om twa útjeften yn dit jier, te witten it boek fan Philippus Breuker, dat as titel kriget *Obe Postma, dichter en skriuwer fan it Fryske lân*, en it boek fan Tineke Steenmeijer-Wielenga en Geart van der Meer oer it libben en de dichtkeunst fan Postma. De acht sybsydze-oanfragen foar dizze útjeften hawwe op dit stuit trije positive reaksjes opsmitten; dat is noch net tarikkend, mar wy ha goede hoop dat de nedige finânsjes beskikber komme. Ljouwert is yn 2018 de Kulturele Haadstêd fan Europa. It Obe Postma Selskip, tegearre mei Tresoar, wol op twa fronten aktyf wêze. Yn it foarste plak is der it plan om, yn it ramt fan it tema *iepen mienskip*, in poëzij-manifestaasje ta te rieden mei jonge, ek internasjonale, dichters. Yn it twadde plak is der it plan om in trijetalige útjefte ta te rieden mei in seleksje fan gedichten fan Obe Postma. Koartlyn is der in wurkgroep ynsteld, dy't de kommende twa jier ien en oar realisearje moat. Fan de kant fan it OPS meitsje George Huitema en Geart van der Meer diel út fan dy wurkgroep.

It OPS-bestjoer is der noch net út, of it mooglik is kommende hjerst in gearkomst organisearje te kinnen om it tsienjierrich bestean fan it Selskip hinne. Der wurdt tocht oan it optreden fan jonge dichters en ek oan in muzikale ynfolling fan dit feestlik barren. De winner fan de OPS-komposysje-wedstriid liet ús witte, dat hy wer in tal gedichten fan Postma op muzyk set hat. Mar lykas altyd kinne wy mar safier springe as de finansjele polsstok lang is. Jim hearre der mear oer.

Jan Gulmans, skriuwer

It Bestjoer fan it Obe Postma Selskip bestiet út: George Huitema (foarsitter), Jan Gulmans (skriuwer/redaksjelid Wjerklank), Jan Guichelaar (ponghâlder), Geke Sjoerdsma (redaksjelid Wjerklank), Geart van der Meer (redaksjelid Wjerklank), Doekle Elgersma.

Adres fan de skriuwer / redaksjeadres: Jan Gulmans, Wagnerlaan 7, 7522KH, Enschede, tel. 053-4345511. Email: jan@gulmans.com.

Dr. C.A. Reinberger en dr. O. Postma oer de Heliand

dr. Jan Dirk Wassenaar

Yn de rûnte fan it Obe Postma Selskip sil bekend wêze dat Postma yn 1942 fragminten fan de *Heliand* yn Fryske oersetting publisearre hat.¹ It giet om 322 fan de 5983 fersrigels fan it Aldsaksyske gedicht, om ende by 5,5%. Yn 2009 presintearre Tette Hofstra yn *Wjerklank* in tal 'Notysjes by Postma's fragmintaryske *Heliand*-oersetting út 1942'.² Yn dat artikel ferliket er de oersetting mei it orizjineel. Yn dizze bydrage freegje ik gjin omtinken foar de Fryske werjefte fan de tekst út de njoggende iuw. Op dat mêd bin ik net saakkundich. It is my hjir om de oanlieding ta de oersetting te dwaan. Dan komt earst de posysje fan dr. C.A. Reinberger, in man dy't hielendal yn it ferjittersboek rekke is, foar it ljocht – dêrnei dy fan Postma.



C.A. Reinberger en 'de Kristenfries Liudger'

Yn 1940 organisearre de Provinsiale Underwysrie fen Fryslân in fakânsjeleargong, op 1, 2 en 3 augustus yn Ljouwert.³ Dêr hold Reinberger op 2 augustus de lêzing 'In Ald-Germaenske Kristussang: de Heliand' foar. Al earder, yn 1934, hie hy foar sa'n fakânsjeleargong foar it buordsje stien, doe oer 'Aldfrysk heltelibben en âldfryske heltesang'.⁴

Yn syn lêzing út 1940 seit Reinberger oer it skriuwerskip fan de *Heliand*: 'De dichter moat in tûke kriichsman wêze út in earber skaei, in dapper Saks, mar der moat in geastlike mei drege kinde efter stien hadde. De twa wrâldkulturen rane hjir yninoar. Hwa is dy geastlike nou? Der binne mar twa dy't yn oanmerking komme. De wiere hel-

per fen de leek kin net Rabanus Maurus wêze, dy't grif op Romaenske foarm oanstien hie. Dêrom moat it de twade gelearde fen dy tiid wêze, de wiere bikearder fen de Saksers (Karel de Grote wier oars net as in Sakselachter), de Kristenfries Liudger, de kenner fan Beda, de learling fen Alcuin, dy't yn York op 'e stúdzje mei de Angelsaksyske kultuer bikend warden is. Liudger, dy hat dizze skalt, dizze bikearde heltesjonger, as in oare Bernlef, ta it skriuwen ynspirearre.⁵

Wa wie Reinberger? Hy waard yn 1881 yn Rosenberg yn East-Prusen berne.⁶ Yn 1899 waard er studint medisinen oan de universiteit yn Berlyn. Yn 1901 helle er dêr it kandidaatseksamen yn de genêskunde. Dêrnei stapte er oer nei de literêre fakulteit. Hy studearre Dútsk en Latyn, wiisbegearte wie syn byfak. Nei syn stúdzje waard er learaar oan in partikulier gymnasium yn Berlyn. Yn dy tiid makke er bûtenlânske reizen en studearre er germanistyk. De Earste Wrâldoarloch trochkrûste syn wittenskiplike plannen. Hy moast nei it front en siet in skoft yn Ingelske kriichsfinzenskip. Nei de oarloch wie er earst wurksum yn it ûnderwiis yn Nederlân, letter studearre er wer yn Berlyn. Ien fan de heechleararen, Wilhelm Schulze, rette him oan om him yn de Aldfryske linguistik te ferdjipjen en in Aldfryske grammatika te skriuwen. Yn ferbân dêrmei brocht Reinberger yn 1925 in besite oan professor Conrad Borchling yn Hamburg. Dy stjoerde him nei Ljouwert. Dêr waard er learaar Dútsk oan in technyske skoalle. Yn syn frije tiid gie er fierder mei de stúdzje. Dy rjochte him – oan 'e hân fan histoaryske Fryske, Nederlânske en Dútske dokuminten – mear op de Fryske folkskunde as op



Dr. C.A. Reinberger

¹ Sjoch O. Postma, 'Fragminten fen de Heliand', yn: *Frysk Jierboek* 1942 (Drachten 1942), s. 168-178.

² Tette Hofstra, 'Notysjes by Postma's fragmintaryske Heliand-oersetting út 1942', yn: *Wjerklank* 3 (2009) nr. 6, s. 4-11.

³ Sjoch 'Fakânsjeleargong. Fen de Provinsiale Underwysrie fen Fryslân', yn: *Leeuwarder Courant*, 5 july 1940.

⁴ Sjoch 'Saunde Provinsiale Fekânsjekursus. De tredde deis. "Aldfrysk heltelibben en âldfryske heltesang"', yn: *Leeuwarder Courant*, 3 augustus 1934; 'Friesche Vacantie cursus. "Ald frysk heltelibben en âldfryske heltesang"', yn: NRC, 5 augustus 1934. Fgl. *Ofglâns fen Ald-Fryslân. Lêzing hâlden op 'e Pinkster-Moandei-gearkomste 1934 fen 't Grifformearde Selskip to Ljouwert troch Carl Alfred Reinberger. Learaer to Ljouwert* (Snits z.j.).

⁵ 'Fekânsjeleargong 1940. De twade deis', yn: *Leeuwarder Courant*, 3 augustus 1940.


⁶ Sjoch G.A. Wumkes, 'Carl Alfred Reinberger', yn: *Sjucht en Rjucht* 39 (1935) nr. 51, s. 807-809, idem yn: G.A. Wumkes, *Paden fen Fryslân dl. 4* (Boalsert 1943), s. 693-696.

de Aldfryske grammatika. De lykas Borchling yn Hamburg wurksume heechlearaar Otto Lauffer hie him op dat spoar set. Reinberger moat promovearre wêze. Yn in tal ferslaggen yn kranten wurdt er as ‘dr.’ oantsjut. Gegevens oer syn promoasje en proefskrift haw ik net fine kinnen. Wol is wis dat er yn 1956 ferstoarn is. Hjir moat in mooglik misbegryp út ’e wei romme wurde. As ynliding earst it folgjende. Yn de njoggentjinde iuw waard de *Heliand* ûnderdiel fan in ideologysk debat.⁷ De toan dêrfoar waard set troch de teolooch A.F.C. Vilmar, dy’t yn 1845 in geskrift publisearre oer it ‘Dútske’ karakter fan de Kristus yn de *Heliand*.⁸ ‘Het is het christendom in Duits gewaad (...), met al het grootse en mooie wat het Duitse volk en het Duitse hart en leven had te bieden. Het is een Duitse Christus, het is in de ware zin onze Christus, onze lieve heer en machtige volkskoning die het werk van de volkszanger hier voor ons schetst.’⁹ Neffens Vilmar jout de *Heliand* in ‘germanisearre’ ferzje fan it kristendom, karakterisearre troch in ‘Germaansk’ etos fan trou, striidlust, heldemoed en stânfêstens. It sil net fernuverje dat dy fyzje letter yn nasjonaal-sosjalistyske rûnte happich omearme waard. Hawar: soe ien tinke dat Reinberger yn dy hoeke lokalisearre wurde moat, dan hat er it hielendal mis. Fan him is bekend dat er neat fan it nazisme hawwe moast. Hy kaam út in famylje wêryn’t trou oan it Prusyske keningshûs heech yn it findel stie, hy wie oertsjûge monargist.¹⁰ Sa kaam er foar it buordsje yn 1933 by de oprjochting fan in Oranje-feriening yn Feanwâlden.¹¹ Doe’t syn mem yn 1938 ferstoar, wie har iennichste bern net op de begraffenis.¹² It wie foar him feiliger om him net mear yn Dútslân sjen te litten. By eintsjebeslút: yn ’e tiid fan de Twadde Wrâldoarloch wie er behelle yn it ferset tsjin de Dútske oerhearsking.¹³

O. Postma en de Fryske oersetting fan de *Heliand*

De lêzing dy’t Reinberger op 2 augustus 1940 hold, waard ôfwiksele troch bydragen fan ‘great dichter en wittenskipman’¹⁴ Postma. Hy lies grutte tapaslike stikken fan de *Heliand* yn Fryske oersetting foar. De ferslachjouwer

fan de *Leeuwarder Courant* skriuwt: ‘Dr. C.A. Reinberger forklearre nei oanlieding hjirfen, der er frijwol alle oersettingen fen de *Heliand* koe, mar det der mar twa by binne dy’t o sa ticht by it oarspronklike komme, dy fen Grein¹⁵, de kenner fen it Angelsaksysk, en dy fen dr. O. Postma. Det is in hilde for it Frysk, mar ek for de oersetter.’¹⁶ Lykas sein, hat Postma yn 1942 fragminten van de *Heliand* yn Fryske oersetting publisearre. Yn it ‘Wird foarôf’ fertelt er: ‘De *Heliand* is in âld-saksyske Kristus-dichting hweryn it libben fen de Heilân bisongen wirdt, nei it foarbyld fen de âld-germaenske heldendichten. It is ûntstien yn de 9e ieu en tinkelik yn de omjowing fen it kleaster Werden oan de Roer, dêr’t de fryske preker Liudger de stichter fen wie en det gans bisit oan lân hie yn fryske streken.’¹⁷ Oer de oanlieding ta de oersetting lit Postma witte: ‘Op oanstean fen de hear C.A. Reinberger, dy’t fen dit dicht bisûndere stúdzje makke hat en der in lêzing oer hâlden hat for de Underwysrie, haw ik inkele dielen fen it epos oerset, hwerby ik foaral brûkme makke haw fen de útjefte fen M. Heine¹⁸ mei syn great glossarium.’¹⁹ Fierders skriuwt Postma noch: ‘Dizze fragminten binne for in part, mei help fan de hear Reinberger, útsocht om it germaenske karakter fen it wirk útkomme to litten, mar fierder ek yn sa fier hja my it meast oansprieken. De oersetting slút him sa krekt as ik it koe by de tekst oan en it stêfrym haw ik safolle mooglik biwarre. By de wirdkar bin ik wol ris nei it âld-frysk ta goun, det folle tichter by it âld-saksysk stiet as it hjoeddeiske frysk.’²⁰ Postma jout dêrfan in tal foarbylden. De opmerking fan Postma oer it Germaanske karakter fan de *Heliand* ferget in wurdmannich taljochting. Hofstra lit witte dat de fraach oft it gedicht in Germaansk karakter hat, earder wolris posityf beândere is.²¹ Ik wiisde sels al



op it ideologyske debat yn de njoggentjinde iuw. Neffens Hofstra past de sfear yn de *Heliand* by dy fan de hegere rûnten fan de Saksen yn de njoggende iuw. Fierders seit er: ‘Dat Postma beskate *Heliand*-parten útsocht hat fanwege harren – yn syn eagen – Germaansk karakter, hoecht trouwens neat te krijen te hawwen mei de om 1942 hinne hearskjende ideology. Willem van der Meiden wiist der yn 2008 op, dat de nazi-ideolooch Alfred Rosenberg de *Heliand*, ûnder mear fanwege it romme omtinken dat dit wurk oan de Berchrede jout, net brûkber achte as “Dútsk” evangeelje.’²² Yn in besprek fan *Fan wjerklank en bisinnen* merkt Y. Poortinga oer Postma en de *Heliand* op: ‘It sil foaral de histoarikus yn Postma west hawwe, dy’t him hjir ta oanlutsen fiede.’²³ Philippus Breuker slút him dêrby oan: ‘It ferlet om him safier mooglik werom yn it Fryske libben te jaan, hat him úteinlik grif ta it oersetten fan de *Heliand* brocht.’²⁴ Breuker heakket deroan ta: ‘De krityk begriep net wat er dêroan fûn, mar sels sei er: “Mei de eagen en it fielen fan ús foarfaars haw ik foarsafier as dat giet, dat epos belibbe.”’ Dy opmerking bringt Hofstra ta de miening dat it net de histoarikus, mar de dichter Postma wie dy’t him ta de *Heliand* oanlutsen field hat, ‘foaral ta de beide stikken oer de ferkundiging fan de berte fan Johannes en de Krúsgong.’²⁵ Om op ‘de krityk’ werom te kommen: it mist net dat dy te krijen hat mei it feit dat Postma net folle mei it kristlik leauwe hie. Freark Dam seit: ‘Kristlike motiven fynt men yn syn wurk suver net, lit stean dat de kristlike “heilsfeiten” him ynspirearre hawwe.’²⁶ Yn 1957 kamen twa fan de seis fragminten út yn de bondel *Fan wjerklank en bisinnen. Fersen fan O. Postma*.²⁷ Yn it ‘Wurd foarôf’ dêrfan skriuwt Postma, dy’t ek Sineeske gedichten oerset hat, noch: ‘It is nijsgjirrich te sjen hoefolle “moderner” dy Sineeske poëzij ús taliket as dy Saksyske, hoewol hja noch âlder is; der is by út de 4e ieu. Wy meie wol oannimme, dat it sokke poëzij as dy

Saksyske wie dy’t ús Fryske foarfaars it heechst wurdearren.’ Yn 1978 ferskynden alle seis fragminten yn de *Samle fersen*²⁸, yn 2005 yn in oare edysje dêrfan.²⁹

De skriuwer: in Fries...?

Yn 2006 publisearre Jaap van Vredendaal de earste Nederlânske oersetting fan de komplete *Heliand*, ‘Een Christusgedicht uit de vroege middeleeuwen’.³⁰ Yn dat boek jout er ek in oersetting fan de *Praefatio in librum antiquum lingua Saxonica conscriptum* (‘Voorwoord op een oud Saksisch boek’) en fan de dêroan keppelle *Versus* (‘Verzen over de dichter en vertaler van dit handschrift’). It is oars net hûndert prosint wis dat de *Praefatio* en de *Versus* mei de *Heliand* te krijen hawwe. Wol achtet men it wierskynlik dat se oernommen binne fan in *Heliand*-hânskrift dat yn de sechstjinde iuw noch yn omloop wie, mar letter ferlern gien is.

Yn de ynliding fan syn boek slút Van Vredendaal him hielendal oan by de *Praefatio*, wêryn’t de skriuwer ‘een man van Saksische afkomst die bij zijn landgenoten als een gerespecteerd dichter gold’³¹ neamd wurdt.³² Dat kin fernuvering opsmite. Der is nammentlik ek wol sein dat de skriuwer in Fries wie, dêr’t de namme Bernlef noch wolris by falt. Dan moat yn alle gefallen Redbad Veenbaas, dy’t oan it boek fan Van Vredendaal meiwurke hat, neamd wurde.³³ Dêr giet Van Vredendaal hielendal oan foarby. Dat ropt de fraach op oft de stelling no net mear ferdigene wurdt...



Byld fan de moeting fan Liudger en Bernlef, Lochem

⁷ Sjoch Jaap van Vredendaal, ‘Inleiding’, yn: Heliand. *Een Christusgedicht uit de vroege middeleeuwen. Uit het Oudsaksisch vertaald, geannoteerd en ingeleid door Jaap van Vredendaal. Aangevuld met de fragmenten van de Oudsaksische Genesis / Vertaald door Redbad Veenbaas. Met medewerking van Willem van der Meiden* (Amsterdam 2006-1; 2007-2), s. 30.

⁸ Sjoch A.F.C. Vilmar, *Deutsche Altertümer im Heliand als Einkleidung der Evangelischen Geschichte. Beiträge zur Erklärung des altsächsischen Heliand und zur innern geschichte der einföhrung des Christentums in Deutschland* (Marburg 1845).

⁹ Oanhelle troch Jaap van Vredendaal, *o.w.*, s. 30v.

¹⁰ Sjoch G.A. Wumkes, *o.w.*, s. 807.

¹¹ Sjoch G.A. Wumkes, *o.w.*, s. 809.

¹² Sjoch ‘Schneidige Pruis was prima Nederlander’, yn: *Friesch Dagblad*, 2 maaie 1964.

¹³ Sjoch ‘Schneidige Pruis was prima Nederlander’; R. Visser, ‘Dútsker sabotearre yn ’43 en holp yllegaliteit’, yn: *Frysk en Frij*, 29 april 1978.

¹⁴ ‘Obe Postma moarn foar hûndert jier berne. Great dichter en wittenskipman’, yn: *Leeuwarder Courant*, 28 maart 1968.

¹⁵ Sjoch C.W.M. Grein, *Der Heliand oder die altsächsische Evangelienharmonie, stabreimend übersetzt* (Rinteln 1854).

¹⁶ ‘Fekânsjeleargong 1940. De twade deis’.

¹⁷ O. Postma, *o.w.*, s. 168.

¹⁸ Sjoch *Heliand. Mit ausführlichem Glossar hrsg. von Moritz Heyne* (Paderborn 1866-1; 1873-2, verb. Aufl.).

¹⁹ Fgl. “Ik haw oerset hwat my it bêste leit en net al to slim wie”, yn: *Leeuwarder Courant*, 22 maart 1958.

²⁰ O. Postma, *o.w.*, s. 169.

²¹ Sjoch Tette Hofstra, *o.w.*, s. 10.

²² Sjoch Willem van der Meiden, *Christus tussen IJssel en Elbe. Inculturatiemotieven in de Heliand* (Heerenveen 2008), s. 103v.

²³ Y. Poortinga, *Fan wjerklank en bisinnen*. Rike frucht fan hege jierren. Nije bondel fersen fan O. Postma’, yn: *Leeuwarder Courant*, 31 oktober 1957.

²⁴ Philippus Breuker, yn: *Samle fersen. Obe Postma. Mei in ynlieding fan Philippus Breuker. Besoarge troch Tineke Steenmeijer-Wielenga*, s. 568.

²⁵ Tette Hofstra, *o.w.*, s. 10.

²⁶ Freark Dam, ‘Krúsgong’, yn: *Leeuwarder Courant*, 24 maart 1989.

²⁷ Sjoch *Fan wjerklank en bisinnen. Fersen fan O. Postma* (Drachten 1957), s. 59-65.

²⁸ *Samle fersen. Obe Postma. Mei in ynlieding fan D.A. Tamminga* (Baarn/Ljouwert 1978), s. 349-359.


²⁹ Sjoch *Samle fersen. Obe Postma. Mei in ynlieding fan Philippus Breuker. Besoarge troch Tineke Steenmeijer-Wielenga* (Ljouwert 2005), s. 461-481.

³⁰ Sjoch noat 7.

³¹ Jaap van Vredendaal, ‘Voorwoord op een oud Saksisch boek’, yn: Heliand. *Een Christusgedicht uit de vroege middeleeuwen*, s. 45.

³² Sjoch Jaap van Vredendaal, ‘Inleiding’, yn: Heliand. *Een Christusgedicht uit de vroege middeleeuwen*, s. 24.

³³ Sjoch R. Veenbaas, ‘Bernlef en de *Heliand*’, yn: Alex M.J. Riemersma, Trinus Riemersma en Willem W. Visser (red.), *Frysk en Vrije Universiteit* (1949-1989) (Amsterdam 1989), s. 171-192; ‘De *Heliand* en it ús heit’, yn: *De Stim fan Fryslân* (1989) nr. 7, s. 152-155; ‘Bernlef und der *Heliand*’, yn: *Niederdeutsches Jahrbuch* 115 (Neumünster 1992), s. 159-173; ‘*Versus ad amicum* als verzen voor de *Heliand*dichter’, yn: Maurice Vliegen en Jaap van Maren (red.), ‘*Uten schatschrine des herten*’. *Vriendenboek voor Henk Meijering bij zijn afscheid* (Amsterdam 1998), s. 133-145; ‘Bernlef, auteur van de *Heliand*’, yn: *Hjir* 29 (2000) nr. 6, s. 38-48.



FAN WJERKLANK EN BESINNEN

'Want leaf haw ik d' ierde as draachster en boarne'

Geart van der Meer

1. Oanrin.

Ik fetsje hjir heel yn 't koart de konklúzjes gear fan myn foarige lêsferslach yn it hjerstnûmer fan *Wjerklank* ferline jier (2015), dat oer *IT SIL BESTEAN* gong. Yn dy bondel learden wij net folle nijs mear oer Postma. Miskien dat de fierder net dúdlik makke spyt oer miste kânsen wat mear nei foaren kommen is, of oer it gjin 'grutte' dingen dien hawwen. It tema fan de skjintme-skeppende 'dream' yn de jonkheid komt wer nei foaren. Wij hearre ek dat er him mear as oaren 'iepenere op dichters baan' opsteld hat as oaren, wat ik trouwens betwivelje, want echt bleat jout er him yn it persoanlike suver net. Hij hat ek dúdlik saken ferswijd, sa't er sels ek tajout.

Dy *siele* dêr't Postma it gauris oer hat, blykt net te ûnderskieden te wêzen fan *geast* of *bewustwêzen*: de siele is ivich, en keart nei de dea fan it lichem werom ta de 'al-siele' of 'al-geast', dêr't de siele/geast fan Postma *deel* fan útmakket, ek al liket it dat dy siele tydlik in skoflike in skynber apart bestean liedt as 'Postma' – om dan 'memkennich' wer werom te kearen yn de skoat fan dy al-siele, dy't suver fungear as in soarte fan 'God'. Hoe rom oft wij dy 'God' opfetsje moatte, wurdt net alheel dúdlik. Postma liket hast yn 'e buert fan in *panteïsme* of *panpsychisme* te kommen – en mei dat lêste ferskynt Heymans dan miskien toch op it toaniel.

En fansels altyd wer dy leafde foar it Fryske lân – of feitlik allinne de westlike helte dêrfan, of noch kreker: de *greidhoeke*, dy't toch wol – mar dat krijt men as jo tefolle Postma achterelkoar lêze – njonkelytsen yn stereotipe wurden beskreaun wurdt, mei foaral de klam op wurden dy't it *ljocht* ferhearlikje.

2. FAN WJERKLANK EN BESINNEN (1957)

Dizze bondel ferskynde doe't Postma al hast 90 wie, en dat is wol heel bysûnder. De fersen dêryn binne skreaun nei 1949, it jier dat de earste útjefte fan de *Samle Fersen* ferskynde. Dêrfoar, lykwols, wie nei 1944 noch in lyts hantsjefol gedichten ferskynd dy't net yn de bondel fan 1957 telâne kommen binne, mar wol yn dy earste *Samle Fersen*. Ik ha yn myn earder stik yn it hjerstnûmer fan ferline jier beloofd dat ik dy meinimme soe yn dit lêsferslach, dat yn haadsaak oer de bondel fan 1957 giet. Dêrom earst wat opmerkingen oer it hânfol fersen foar

1949. It earste fers, 'ALLINNE' (1944) is in reaksje op de útspraak fan Boutens *'Ik was een stil en eenzaam kind'*. Dat wie ik net, skriuwt Postma, en as er syn 'jongesbyltnis' besjocht, sjocht er ien dy't '[f]oar alles iepen' wie, en 'al wrâlds wûnder' ha sil. Dat byltnis '... sprekt my net fan mânsk en grut, / It neamt my sa't ik bin; / Mar, Fryslân, is 't – do witst myn steat – / Dat ik dy net gripe kin?' Wat er mei dy lêste (wat ûnmetrise) rigel bedoelt, is mij net sa helder. Moatte wij miskien, lêzende mei de klam op 'dy' (= dij), hjir ferstean dat er it him wol as 'minner' oannimmende Fryslân net helendal 'gripe' (= befetsje, ferstean) kin? Hoe dan ek, wa't ek om him hinne 'ferstoar', hij bliuwt net 'allinne stean', want dat Fryslân bliuwt, liket er te sizzen.

Yn 'IERDEREIS' (1946) sprekt er earst syn heit en mem ta, yn it besef dat syn ierdereis nei de ein lûkt. Hij hat syn part wol fan de leaflike ierde hân, en tanket har foar wat er fan har krigen hat, al hat er net altyd neffens dy har wize libbe. Dan folget in opmerklike strofe oer himsels:

Wat op him sels, mar net ôfwêzich dochs;
In libben minske mear as man of frou;
Foar alles iepen: fan de geast berierd,
Mar djip yn 't earste ierdske begearen trou.

- mei dy opfallende wurden yn de twadde rigel, dat er mear in 'libben minske' as 'man of frou' west hat, dêr't men heel miskien in bedutsen ferwizing yn lêze kin nei syn ûnderstelde oare seksuele oriëntaasje. Dan wer dy iepenens foar alle yndrukken, en ek 'fan (= troch) de geast berierd', dêr't er miskien nei de algeast of al-siele ferwiist. Lykwols, ek hjir leit wer de klam op it 'ierdske begearen'. It is de tiid fan 'moed en krêft', mar ek fan 'ramp en flok', en hij tsjut hjir op de earste atoombommen ('striel dy't foltsen slacht'). En we sjogge yn dit ferbân sels even in lichte twivel oft Fryslân wol altyd bestean sil: 'Is dit it ein? Wa hoedet d' âlde grûn?' As er wat deftich seit dat er net 'reedzje [klearmeitsje] nei begear' kin wat 'freugd fan [s]yn jeld' wêze moatte soe, dan hat er it nei alle gedachten oer de nei-oarlochse beheinde mooglikheden (papierkrapte) om te publisearjen.

Dit fers is wat ûnkarakteristyk lichtsjes pessimistys fan toan, mar einiget 'Of riist der noch, yn wramen sûnder ein, / De libb'ne siele eat fan duorjend ljocht?' It sympatike 'FAN TWA STEDEN' (1946) – de Ingelse dichter Lionel Johnson (1867-1902) neifolgjend, dy't it oer Winchester en Oxford hie – beskriuwt syn tiid yn

Snits (dêr’t Postma nei skoalle gie) en Amsterdam, dêr’t er studearde. Mei syn lichte humor kin er oer Amsterdam sizze, dat er wol tsjin Lionel syn Oxford opbiede kin mei wat dy stêd te bieden hie. Wij fernimme hjir eigenlik foar it earst echt syn niget oan de skilderkeunst (Rembrandt en Breitner), en ek oan toaniel, him ‘erflik leaf’, al hearre wij dat no pas. Dan: ‘De wittenskip wie doel, / Mar koe allinne net ferfolje iepen geast.’ Hjir binne wij wer bij it al earder neamde ‘it wêzen fan de dingen’ kennen leare wollen. Ta beslút komt er op syn swalkerstochten om Amsterdam hinne nei Diemen ta, dêr’t er Rembrandt yn neifolget: ‘Dêr haw ik west! Dat wie dy goede dei! / O gouden lok, dat troch de tiden striel’t!’ ‘Yn FAN FUORGEN EN SLEATSWALEN’ (1948) komt er noch in kear op Rembrandt werom: ‘Op ’e sleatswâl siet Rembrandt doe’t er Diemen úttekenje woe’.

Yn de seis ‘KWATRINEN’ (1948) freget er in oar (of himsels?) ôf oft er oait fan God - en leafde - dichte hat. Mar doe’t it ‘klaad’ wat lichte waard, die bliken dat it ‘gjin God om oan te sprekken’ wie, dy’t net oanbidden waard mei de ‘eagen ticht’. Gjin persoanlike God, alsa, mar grif in ferwizing nei syn al faker neamde ‘al-geast’. Dan dy ‘leafde’ - dêr mei elke ‘earsum[e] harker ... diel fan ha’, want lei dy leafde net ‘al ûnfermomme / Yn alle dicht?’ Jawis, dy leafde moat hjir wol bedoeld wêze as de leafde ta it Fryske lân en al it lytse en skynber ûnbetsjuttende. Dêrom hoeft in gedicht ek net nei it ‘iv’ge ta te rinnen’, der is ommers al ‘de leaflikens fan ierde’ tún’ en it ‘stille omgean fan wat deisk beminnen’. Dat is prachtich sein. Dan sjocht er as lêste werom op de dichten dy’t er gearbrocht hat: ‘ ’t Is goed, ’t is tsjoed, mar wêrta tsjinje hja? / - In jonge earne, en in wrâld giet iepen, / De sinne, mem... It doel? Dan kòmt it sa.’ Miskien, sa liket Postma te tinken, is der nochris in jonge dy’t him oansprutsen fiele sil troch syn wurk, en foar wa’t dan in wrâld iepen giet. Opmerklik is dan net dat er de ‘sinne’ neamt, want dy is bij Postma suver gelyk oan God, mar wol wat mear it feit dat er net it Fryske lân neamt, mar de ‘mem’ – dy’t hoewol inkelde kearen yn leafde betocht, gjin haadtema yn syn wurk is. Of moatte wij dat ‘mem’ rommer opfetsje, as mem-ierde?

‘FAN FUORGEN EN SLEATSWALEN’ (1948) is niis al even neamd. Dat wûnderbaarlike frije gedicht einiget mei de wurden ‘O, allinne yn de Geast¹ kin eat behâlden bliuwe!’ Postma mimeret oer syn ‘fuortgean’, net mei ‘ljurkesang en bloei fan hagedoarn’ – dat kin iderien wol. Nee, hij wol dat dwaan mei it nederichste fan de greide, ‘as ien dy’t de ierde / belibbe hat’: dat binne de fuorgen

(hjir: greppels) en sleatswâlen. Rembrandt moat him delfljyd hawwe yn sa’n sleatswâl om Diemen út te tekenjen, en Postma sels, dat hat al ferskillende kearen bliken dien, mocht dat ek graach dwaan. Ek no, en dan moat er tinke oan lju fan no en út it skiere ferline, dy’t er ken en kend hat (troch syn histoarise stúdzjes): hoe komt it mei al wat is en west hat, sil alles wol bestean bliuwe, as ‘de produksjekosten omleech moatte?’ of sels as de ‘kolchozen’ komme? Hij tinkt hjir dúdlik oan it Ruslân fan Stalin, en dy sil ek bedoeld wêze as ien fan dy ‘misdiedigers [...] dy’t hele foltsen oerplantsje / wolle’. Alles fergiet en ferdwynt, liket hij him te realisearen – mei allinne de treast dat it yn de ‘Geast’ beholden bliuwe sil ... dêr’t er mei beoede sil dat it ‘bêde yn it al-ûnthâld’ bewarre bliuwe sil.² Wij binne no echt ta oan de bondel *FAN WJERKLANK EN BESINNEN*, dy’t begjint mei ‘OP IT JELSUMER BINNENPAAD’ (1949). Postma beskriuwt dêr in kuier op in moaie hjerstdei ‘mei simmers jonge skyn’, en hij sjocht ûnder oaren in âld boerespultsje, en it ‘boerelibben yn syn âlde steat’, mar sjocht dan om samar te sizzen dûbel: hij sjocht yn it no ek it ferline: ‘De ieuwen gean foarby, mar eat bleau oer; / Libje fan Hasker mûntsen hjir net stee en feart?’ – om dan dy dûbele blik op *himsels* ta te passen, as in plant dy’t yn it ferline ‘bloeië mocht’, mar no ek op dit stuit noch ‘iepen docht syn lêste blom’. Dan neamt Postma syn dichtwurk hjiroer wat riedselich ‘fan in heger krêft bedreaun’ en – sa seit er – ‘En yn ús âld bargoensk haw ik ’t beskreaun.’ Dy útdrukking ‘âld bargoensk’ is in opfallend staal fan hoe’t Postma gauris (hjir helendal sûndere neiere ferklearring) reageart op wat er lêzen hat. Dat ‘bargoensk’ moat weromgean op wat H.A. Gomperts yn it tydskrift *Libertinage*, jg. 2, 1949, s. 230, skriuwt: hij neamt dêr it Frysk in ‘locaal bargoens’. Dat docht er yn in lilke reaksje op in fel stik fan Fedde Schurer, dy’t it skoof en skande fynt dat dat tydskrift trije neffens him poerminne neilitten sonnetten fan Johan Andreas Dêr Mouw *postúm* publiseard hat – dat hie noait moatten.³ Dy kwalifikaasje fan it Frysk hat Postma blykber rekke en hij reageart der sa mei wat lichte selsspot en humor op. De gedichten hjirnei geane wer âlderwenst oer de leafde foar de ierde, dy’t Postma boppe de oandacht foar it ‘ûnsjenlike’ (‘DICHTERS’, 1950) stelt. ‘DE IDEE FAN KOARNWERT’ (1951) liket de earste echt dúdlike ferwizing nei Postma syn oriïntaasje op Plato en de Grykse filosofen te wêzen: ‘De idee – sa witte jimm’ – is it ‘ûnstoflik wêzen dat yn it begryp / kend wurdt’ ’ sa iepent er mei in net al te dúdlike definysje.⁴ De ideeën, of miskien better de ‘foarmen’ neamd, binne bij Plato de ‘ivige, ûndûbel-

sinnige en ûnferoarlike en bûten de minsklike geast om besteande *oerbylden*, dêr’t de hieltyd feroarlike en ferгонklike dingen om ús hinne, en de minder heldere konsepten dy’t wij hawwe, mar in swak skaad fan binne’ (sj. myn tredde lêsferslach, noat 2, *WJERKLANK* maart/april 2015). Troch middel fan dy ûnsinnige konstruksje besiket Plato feitlik it probleem fan de *universalia* op te lossen, dws. eigenskippen dy’t twa of mear saken yn *ús foarstelling* mienskiplik hawwe. Bij Plato besteane ‘ideeën/foarmen’ mei deselde eigenskippen tiidloas en ûnferoarlik lykwols *bûten de minsklike geast*, wat fansels folsleine en healwize ûnsin is. Yn hoefier’t en hoe krekt oft Postma hjir dy tinkwize fan Plato tapast, is mij net dúdlik. Syn eigen definysje mei de wurden ‘ûnstoflik wêzen’ wiist wol yn de rjochting fan in leauwen dat dingen in ‘wêzen’ hawwe dat *ûnstoflik* is. Sa soe dan de *rûnens* fan in bal syn ‘ûnstoflik wêzen’ hjitte moatte. No is ‘rûnens’ net in ding, dus is it ûnstoflik, al kin it wol yn termen fan dingen omskreaun wurde. It is in *oardeel* en in *begryp* fan de minsklike geast en net wat apart besteands bûten de minsklike geast om. Dat leauwen fan Plato, en blykber ek fan Postma, is healwiis.

Omdat Koarnwert *umyk* is, kin der hjir gjin sprake wêze fan Koarnwert as *ien* fan de konkrete op in bepaalde tiid en yn in bepaalde romte besteande konkrete en oan tiid en plak bûne foarbylden fan dy idee/foarm fan it *oerbyld* Koarnwert. Postma liket Koarnwert mear te sjen *troch de tiden hinne*, sa’t it opslein is yn it ‘ûnthâld’ fan ‘it Wrâldbestel’ – dat hjir in oare formulearing fan it ‘al-ûnhâld’ of de ‘al-geast’ is. Mei fine humor grapket er dat it petear fan ‘Casper de Robles en Aylva op ’t hôf / te Koarnwert sa’t it yn de ferbylding fan Poortinga⁵ pleats hie’ eigenlik net sa pleats fine kinnen *hat*, want as dy twa Skraad lizzen seagen, dan koe dat feitlik net, omdat ‘earen de pleats fan Klaes Douwes’ (letter ôfbrutsen, lit de lânbouhistoarikus Postma witte) har it sicht op dat plak benommen hawwe moat. Postma einiget dan alderaardichst en mei fine humor:

- Nee, ik wol Ype net misledigje, mar dat moat yn de idee dochs wol wat fan minder rang wêze. Hoewol, sis ik wer, betsjut sok barren yn ’e geast ek net sa folle as it materiële fan it piksjitten mei in heale klinkert efter de dyk?
- O geast fan de histoarje, lit hjiroer jins ljocht skine!

Sa wurdt dan ek Poortinga syn fantasy opnommen yn it alomfiemjend ûnthâld fan de wrâldsiele. Nei ‘IS IT WOL GRUT? IS IT DJIP WEIKOMD?’ (1951) dêr’t opnij de lof fan Fryslân en it skynber lytse en ûnbetsjuttende yn besongen wurdt, komme wij bij ‘ ’T HAT WEST, IT IS’ (1951), wol ien fan de bekendere útspraken fan Postma. Dat koarte trijestrofige gedichtsje falt net sasear op troch de skjintme fan de taal, mar mear troch de uterste beheindens fan de formulearing fan Postma syn libbensleare: wat west hat, dat is, en ‘kin net mear fergean’. Net allinne drage wij it mei yn ‘ús [eigen] ûnthâld’, it libbet ek troch yn ‘ivichheids beskik’, wat wer in nije manier fan ferwizen is nei it al-ûnthâld. Sa bliuwe ek de ‘freonen’ en de ‘mienskip [dy’t him] sa nei [is]’ bestean yn de ‘heger geast’ dy’t har bewarret ‘yn ljochte dei’. Ien fan dy freonen is grif ek de romanskriuwer Reinder Brolsma (1882-1953), dêr’t er (in jier foar dy syn selskeazen dea yn 1953) fan fêststelt (‘NEI FIIF EN TWEINTICH JIER / oan Brolsma’ (1952) dat sij ‘bruorren’ binne: ‘sjoch ús wêzen oan, / In selde mem hat oan it boarst ús lein’. Dyselde mem is fansels Fryslân, dêr’t sij beide al har wurk oan wijd hawwe.

‘JEUGD EN JELD’ (1952) is net opfallend as echt goed gedicht, mar lit (heel miskien) wer wat ljocht falle op de freonskip fan jonges en jonge keardels, dêr’t Postma dúdlik sa’n niget oan hie. Dit gedicht wie op fersyk fan de Ljouwerter Krante skreaun by it 200ste jubileum fan dat blêd. Earst ûntbriek de ynspiraasje, mar ynienen brocht de neitins oan in ‘jonge freon’ dy wol. It sil in âld-learling wêze dêr’t er ynienen oan tinke moast, dy’t wer nei ‘Ynje’ gong.⁶ Wat is fan dit ‘stik de boarne?’ freget Postma him ôf. No, dat is ‘[m]inder wol de skient’ / Wêrút âld ieus sonnetten’ streamen rinne’.⁷ Dat is grif, lykas dy ‘stream sonnetten’ yn ‘BLOMMEJONGE’ (1938), in ferwizing nei de sonnetten fan Shakespeare, dêr’t dy (ek) de skientme fan in *man* yn besjongt.⁸ Nee, antwurdet Postma himsels hjir, it gie him bij dy jonges foaral om harren ‘jeugd, natoer, it ljochte iepen gean’, en ‘ta de siele dan eat fan beminnen’ – en mei dat lêste doelt er neffens mij inkeld op harren ûntfanklikens foar yndrukken (fan skientme). Postma ûntkent dêrmei net syn niget oan har krezens, mar stelt dy wol op it twadde plak. De seksuele oriïntaasje fan Postma is hjirmei sadwaande net bewiisd – it falt inkeld op dat er noait de skientme fan in frou neamt,⁹ en nêst syn jonge ‘freonen’ neamt er gjinien kear in jonge

^[1] Hjir dus mei in haadletter

^[2] Sj. ‘HJA KOMM’ OP MY TA’ (1939)

^[3] Sj. De Tsjerne, jg. 1949, nr. 9: ‘Op it harspit. Luzich forwar fan Libertinage.’ Sj. ek Anne Wadman, De Tsjerne 1951, I, 31. ‘H.A. Gomperts, doe redakteur fan Het Parool, hie it Frysk karakterisearre as in ‘locaal bargoens’ yn ‘e omkriten fan Dokkum, en skreaun oer de ‘Frisiomanie’, ‘die reeds in de vorige eeuw begon te woeden, één van de meest breidelloze excessen van romantische volks-verheerlijking.’ No ja, dy Gomperts hold yn elk gefal De Tsjerne bij ...

^[4] Ik kin earlik sein neat mei dat ‘ûnstoflik wêzen’ fan dingen dat yn it ‘begryp’ kend wurdt. It begryp is sels al ûnstoflik, en dan is dat troch it begryp kende wêzen dat fansels ek. Mar dingen binne stoflik, en kinne sadwaande gjin ûnstoflik wêzen hawwe

freondinne (in wurd trouwens dat net ien kear yn syn wurk foarkomt ... ek al sille der genôch kreaze famkes yn syn klassen sitten hawwe).

‘SIMMER’ (1953) en ‘IT MOAISTE FAN EUROPA’ (1953) breidzje feitlik troch op it âlde tema fan ‘it sil bestean’; yn it earste fynt dat in plak yn it ‘omfiemjende betinken’, yn it twadde yn wat in nije formulearing: ‘it grutte boek’: ‘En wêrom soe wat west hat minder wêze as wat komme sil? / Stiet it net allegearre yn it grutte boek beskreaun?’

‘DER GIET DE WRALD NET MEI FOARUT’ (1953) iepent wer wat stereotyp mei it fielen op (fansels!) wer in moaie pinksterdei, as Postma him werris ien fielt ‘mei it libben dat de ierde draacht’. Mar dan: ‘dêr giet de wrâld net mei foarút!’, want dy moat ‘ ‘agressy’ ha’, sa’t blykber in freon fan him sein hie. Postma reageart smeulsk dat him dat oankomt as ‘in priuwke filosofy argot’. Hij seit ‘Dat is ek wol wat Zarathustra spriek’, en dêr moat er *Also sprach Zarathustra* (1885) mei bedoele, it ferneamde boek fan Friedrich Nietzsche (1844-1900). Mar it is dúdlik: Postma mei net sa oer dy syn fêrhearliking fan de sterkste en de minachting foar de swakkeren, de ‘slaven’, mei ynbegryp fan froulju. Blykber doelend op de takomstige Nietzsche-aanse minske fan de takomst (de aristokratise, oer it swakke útskot hearskjende ‘Übermensch’) seit er: ‘Foarút? Omheech? Hjir is de heechste bloei, / In Goddelike glim yn ’t al ferfolgjend hjoed.’ Grutter tsjinstelling mei Nietzsche is net mooglik. Nietzsche, de soere man dy’t inkeld haatsje koe, net leafhawwe, dy’t meilijen¹⁰ ferachte; de frouljushater, oarlochoanbidder, Napoleonferearder; de yn wêzen o sa lytsboargerlike mar megalomane ferearder fan de (kommende) sterke man, minachter fan al it lytse en swakke – hoe profetys, dat wol. Postma is mij fansels folle leaver.

‘ ‘FAN GOD EN HEITELAN HAT BROLSMA, LIKE MIN AS DE / DICHTER OBE POSTMA, NEA NET FOLLE SKREAUN’ ’ (1954)¹¹ bringt ús wer heel typys yn

’t sin dat Postma – en dus ek de romanskriuwer Brolsma¹² - net yn abstraksjes tinke, mar sa’t Postma heel skerp seit, bijgelyks net ‘in hûs’ beskriuwe, mar krekt ‘dât hûs dêr oan ’e dyk’. In folk of heitelân binne abstraksjes, ‘dy losse dingen meiinoar’ – dât binne ‘in lân en folk, noch ûnbenoamd’. Dy hâlding hat yn elk gefal Postma behoede foar it yn abstraksjes tinken fan de ideologyen fan de tweintichste ieu.¹³ En ‘frommens’? Dêryn soe Brolsma him miskien oertreffe, yn it ljocht fan inkele mei namme neamde romanpersoanen. ‘Dan stean ik faaier [seit Postma] en myn frommens hat net oer. / Neam ik wol God, as ik al siele sis, / De alomfetsjende, ûneindich as... hja sels? / (Mar dêr is gjin geslacht) – De leafde foar wat is / Liedt nei har ta.’ En Postma beslút: ‘O Brolsma miich, o grûn en minske man, / Sa dochs in wurd oer God en heitelân.’ En opnij bedarje wij bij de ‘al-siele’, alias de ‘alomfetsjende’, dy’t yn ‘SA’N LIBBEN’ (1954) wer opdûkt as it ‘Albegryp’. Hjir wurdt in net fierder mei namme neamde ferstoarne betocht, fan wa’t lykwols de ‘marken’ bleaun binne: ‘O wûnder; libben jit wat fuortgûn wie!’, en dan, hij is ‘Opnomd yn ’t Albegryp’. Of ... bestiet dy persoan fierder ‘tsjinoer de Geast / En dan te heger went it ivich lofgesang?’ – wat fansels¹⁴ de kristlike opfetting is fan it bestean nei de dea yn de himel. Hoe dan ek, seit Postma:

 Myn grutste eagenblik hat west as ik
 My ien mei al ’t besteande fiele mocht
 En mei wat west hie; fan wrâld siele diel.¹⁵

Wat er hjir no krekt mei ‘wrâld-siele’ bedoelt, is net sa dúdlik, want ‘al ’t besteande’ giet toch oer de konkrete en stoflike wrâld, wylst ‘siele’ neffens de gongbere opfetting ûnstofflik is. Yn de lange noat 13 hjirboppe is ek al wiisd op problemen oangeande de interne gearhing fan Postma syn tinken. Of moatte wij dit opfetsje as in utering fan in (grif psychys) monist, foar wa’t it stoflike en it ûnstofflike

kanten *fan ien en itselde binne*, dat wol sizze it psychise? Postma sadwaande as *panpsychist*, sa’t al foarsichtich ûndersteld waard yn de oanrin fan dit lêsferslach? Sa’n opfetting leveret op oare plakken yn it dichtwurk wer oare problemen op.

Hij freget him fierder lykwols, yn dit net sa sterk konstrueard gedicht (mei mij net dúdlike ferwizingen nei persoanen en útspraken), ôf oft syn fersen de jongelju noch wol oansprekke, alteast sa ferstean ik de wurden ‘is der wol wat / Foar jonge manship¹⁶ yn?’ Mar, sa seit er: ‘– It is myn eigen stim.’ Hij is no ienkear Postma, dy’t – seit er dêrnei – it measte no wol sein hat oer al it lytse dat him beweegd hat, want ‘Fryslân is [...] mar lyts / En foar in heldedicht hat it gjin stal’. Dan: ‘As ’k no mar wiisheid haw / En hâld beside wat net skiklik is. / ‘De dichter dichtsje’;¹⁷ mar de hoed en noed!’, mei al wer dy skrutenens om mear fan himsels bleat te jaan, nettsjinsteande syn eardere bewearing dat er ‘iepener op dichters baan’ west hat as wenst wol ha woe.

Yn ‘NATOER EN KULTUER’ (1954) hjit it dat er neat ‘ynliker leaf hân’ hat as de Fryske greide, in ‘paad yn ’e finne, dêr’t oan wjerskanten de klaver opbollet – / Kinsto it litte der in hânfol ôf te skuorren?’ Dêr kin gjin Marsman tsjin op, mar faaks wol Emily Dickinson mei har bijen, of Keats ‘as er op in opstap springt om de floed / fan it lân te sjen.’ De titel fan it fers kundiget it fansels al oan, mar de oergong nei de opmerking dat kultuer ‘tsjinwurdich in magysk eat [is] dat de sielen behearsket’ komt frijwat út ’e loft fallen. Us earste kultuer sil west hawwe, seit er, it boek fan de Kristenreize,¹⁸ de Negerhut,¹⁹ Goudland,²⁰ Edelhart en Vrijkogel,²¹ en in fûljeton yn ’e krante. No, seit Postma, haw ik 50 jier en langer dichte en skreaun oer de omkriten fan Koarnwert, en dêrmei hat er miskien ek wat fan ‘kultuer opbrocht’. En hij seit mei in sekere grutskens: ‘Haw ik net fan in man heard, fier útstekkend boppe / de mannichte, / En naam er net moarns earst yn ’e hannen de dichten fan / Obe Postma?’ Dy man moat nefens sizzen G.A. Wumkes west hawwe.

Ja, it is wier, mar it is him ferjûn: ‘no binn’ de sinnen yn ’t eftergean’ skriuwt er yn ‘OER ...’ (1954?), en ek ‘Sa kin dit dan wêze in lêste dicht, / En it opuske komt ta syn ein; / No sille wy witte wat hâldt.’ En dan hopet er ‘stil yn it ynderlikst op te gean / As in skimke fan ivichheid.’ Mar mei dat ‘lêste dicht’ falt it noch wol wat ta: hij skriuwt en set noch oer oan 1962 ta.

Ta beslút fan dit lêsferslach fan *FAN WJERKLANK EN BESINNEN* moatte wij even in pear jier weromspringe nei ‘FAN DE IENE BOARNE *Lyts dicht fan it lân*’ (1952), dat er ferskine liet yn *Geschiedenis van de Friese Landbouw*, deel II. In soarte fan *Georgika* yn it lyts, neffens it foarbyld fan Vergilius, skreaun troch ‘in lyts poëet / Yn in simpel lân’. Dit lange fers, sûnder rym en mei meastal rigels fan tsien wurdlidden, is feitlik in gearfetting fan al syn poëzij: de leafde ta de (Fryske) ierde,²² it ienwêzen mei al it besteande, it leauwen yn it ûnfergonklike fan alles wat west hat – prachtich gearfette yn it fyfde deel:

Sa wie it en sa is ’t, der is gjin skied!
Wat west hat en wat is, dat is deselde wrâld;
Ien siele, ien begryp hat alles yn,
Dit is it suverst lok; ien mei natoer,
Mei alle libben ien, ien mei de Geast
Dy’t alle libben draacht!

3. Oereiding

Feitlik wurdt der yn dizze bondel neat tafoege oan wat wij al wisten fan Obe Postma syn dichtwurk yn it algemien. De bekende tema’s komme wer oan ’e oarder yn net ûnaardige gedichten, en litte har gearfetsje yn de krekt oanhelle rigels oan de ein fan paragraaf 2: wat west hat, bliuwt ivich bestean, ien siele (de wrâldsiele) bewarret alles, en it suverst lok is it ien-fielen mei alle libben en dy al-geast, dy’t ‘alle libben draacht!’ Wat dat lêste presys ynhâldt, is mij net dúdlik. Dy ‘Geast’ is fansels ûnstofflik, mar hoe ‘draacht’ dy alle konkrete libben no krekt? Hoe’t Postma no presys de ferbining besjocht tusken it ûnstoflike en it stoflike, dat is hjir fansels de net beântwurde fraach.

En fansels, ek yn dit gefal haw ik yn myn skôging net de oersettingen meinommen.

^[10] Yn letterlike sin: ‘mei-lije’.

^[11] Sitaat fan wa?

^[12] It is 1954, dat Brolsma wurdt hjir betocht, want hij stoar yn 1953.

^[13] Dy wjeraksel tsjin it yn abstraksjes tinken ferhâldt him wat lestich ta syn leauwen dat alles wat bestiet en bestien hat yn (it ûnthâld fan) it ‘Al-betinken’ beholden bliuwt yn ‘ien byldberik’ (‘FUORTGEAN’ 1943), dat (sa ferstean ik it alteast) net oan in bepaalde tiid of plak bûn is. It inkeld leauwen yn it oan tiid en plak bûne konkrete lit net ta dat soks losmakke wurdt út de tiid en yn ien ‘byldberik’ ivich, dus tiidloas, wurdt, want dêrmei ferliest it syn spesifyk unyk karakter kwa tiid en plak. Ofsjoen fan de ûnsin fan dy ‘wrâld-siele’ (fyn ik), docht him hjir sadwaande ek noch in probleem foar fan mear logys aard. As yn datselde ‘FUORTGEAN’ it ‘Al-betinken’ neffens Postma dus bepaalde stalten yn ien ‘byldberik’ gearbringt en omfiemet, dan wurdt de fraach twingend wat ‘byldberik’ no presys betsjut. As it in troch de tiid ferbûne rige bylden ynhâldt, dan ferskilt sa’n ‘byldberik’ eigenlik yn neat fan wat wij op de konkrete ierde, mei syn wikseljend tiid en plak, waarnimme: tiid en plak wurde ek dêr, yn dy wrâld-siele, net opheven. En dus, sis ik, ferdwynt ek de illúzje fan ivichheid, dy’t Postma sa dierber is: wat no bestiet, sil net ivich bestean. As Postma echt sà yn dy ûnsinnige tiidloaze wrâld-siele leaut, dan binne sadwaande tiid en plak ek dêr gewoan tiid en plak, en is de konkrete Postma fan 1868-1963 ek yn de wrâld-siele einich en stjerlik, wat in nuvere tsjinspraak ynhâldt. As ‘byldberik’ lykwols in oan de tiid ûntkommen abstraksje ynhâldt, dan is dat fansels stridich mei syn wjeraksel yn sokke abstraksjes. Hoe dan ek, Postma syn filosofy liket mear fragen op te roppen as te beântwurdzjen. Sa giet it trouwens meastal mei filosofyen. Yn it gefal fan Postma is dy swakke interne gearhing fan syn filosofy ek noch ta te skriuwen oan syn op wishful thinking baseard leauwen, dat hij mien hat mei alle godstsjinstich tinken, dat hij yn syn eigen wurden oer de ivichheid fan al it besteande sa gearfette hat: ‘it sil bestean’. Postma, it is al faker sein, is in religieus dichter sûnder God. Al liket it ljocht bij him in soarte fan godferfanger te wêzen.

^[14] Miskien persoanlik: mar ik fiel hjir toch in wat lichte spot yn dy formulearing.

^[15] Dy lêste wurden hie ik keazen as de titel fan myn artikel yn 1982 yn de earebondel fan Prof. dr. Galama.

10 Wjerklank

Wjerklank 11

It sil bestean - prakkesaasjes fan in ynteressearre leek by en nei it omsneupen yn in boek mei wittisspul út âlde brief beskreaun.

“Doe’t pake jit feint wie en beppe jit faam ...”

Fokke Plat

Oan hokker tiden sille de wat âldere lêzers-anno 2016 foaral tinke, wannear’t har in boek mei de titel *It deistich bestean by âlds* ûnder eagen komt? Soenen de measten fan uzes dan yn it earstoan net al te fier yn de tiid tebekgean en dan tinke oan de tiden, dêr’t ús âlden en neiste foarâlden yn libben, it tiidrek fan de tweintichste iuw, en dan foaral de earste helte fan dy iuw? Ja, harren tiden – de tiden fan ús heiten en memmen, paken en beppen – wienen oare tiden, want benammen yn de lêste fyftich jier is der yn it deistich bestean te uzes it ien en oar goed feroare. Net dat wy dêrtroch alhielendal oare minsken wurden binne, mar wy hawwe hjoeddeis wol oare klean om ’t liif, rinne troch de wike (ek yn de doarpen) meastentiids net mear op klompen, hawwe oare dingen om hannen, oare dingen oan ’e holle, oare ferdivendaasje ek, en miskien ek wol oar praat èn, wa wit, in oare omgong mei elkoar en mei de wrâld om ús hinne. Dêr sil ik fierder net oer útwreidzje, elkenien wit der fan mei te praten.

Wy wolle mei ús tiid meigean, mar al dy feroarings, globalisearring en ynnovaasjes binne wol fan dy gefolgen dat wy yn it belibjen fan de tiid, en dat is ek yn it belibjen fan de eigen libbensrin, weet hawwe fan al of net slagge oanpassingen, útdagingen en te nimmen hobbels, ûnwennigens en argewaasjes, winst en ferlies – tink allinne mar oan ús yntree yn de digitale wrâld, wat dat al net mei him meibringt! Dat binne ûnderfinings, dy’t ús besef fan “tiid” reitsje. Wy wurde ús dan, en dat soms pynlik, bewust fan in tiid dy’t efter ús leit, d.i. in tiid, dêr’t wy yn ús deistige dwaan en litten yn de fierste fierte net mear as fanselsprekkend en harmonysk by oanslute kinne. Koartsein: wy hawwe weet fan in “oare tiid”, in “ferline tiid” (guonlju sprekke sels, yn neifolging fan de Frânske skriuwer Marcel Proust, fan in “ferlerne tiid”, in temps perdu). Foar in bulte âldere minsken is dat de tiid fan foar de sechstiger jierren fan ’e foarige iuw, ek wol de tiid fan foar de oarloch. Foar de saneamde “babyboom-generaasje”, en foar de jongerein fan hjoed-de-dei binne dat wer oare tiidrekken: dy fan de sechstiger jierren, en fan de tachtiger en njoggentiger jierren. (It falt op dat yn it programma “Andere Tijden” op de televyzje foaral omtinken jûn wurdt oan foarfallen út de lêste tritich, fjirtich jier, en dat de presintator syn ferhaal steefêst ôfslút mei it sintsjje “Terug naar de onze”).

Foar de skriuwer fan dit stikje is it ferline, dat him it

meast interessearret, de tiid fan syn heit en mem en fan syn neiste foarâlden, rûchwei de tiid fan 1890 oant 1965. It is krekt dy perioade, dy’t him foarkomt as in “oare tiid” as sines. Dy wittenskip jout him soms in wat ûnwennich gefoel. Fansels, hy wit ek fan noch oare tiden: fan de Ferljochting, de Midsiuwen, de Aldheid, en fan de prehistoarje. Dat ferline is him op skoalle bybrocht, dêr hat er boeken oer lêzen, mar om no te sizzen dat ek dy wittenskip him ûnwennich makket? ... no nee. Mar dat ferline fan syn âlden en neiste foarâlden – dat is in oar ferhaal as dat wat er oer it ferline op skoalle heard hat en út de boeken te witten kaam! Dat ferhaal sit him tichter op ’e hûd, want dat is it ferhaal fan minsken út it predigitale tiidrek, dy’t hy goed kend hat en dy’t him it ien en oar ferteld hawwe. Foar syn besef komt dat ferhaal út in tiid, dy’t hy noch wat neikomme kin, min of mear “belibje” kin (hoe oars dy tiid dan ek wêze mei); hy makket himsels net wiis dat dy tiden derfoar (hoe nijsgjirrich dy dan ek wêze meie) him op deselde wize boeie as dy “oare tiid” fan minsken, dy ’t him yn syn jonge jierren nei wienen, dat docht.

Sa is it toch? Wy lêze mei niget it boek fan Geert Mak *De eeuw van mijn vader*. Wy bewarje âlde foto’s yn albums, en âlde ansichten (dêr binne ek moaie boekjes fan útjûn - de beide dieltsjes *Frjentsjer yn âlde ansichten* bygelyks). Boeken oer it buorkjen eartiids binne der by de fleet. Op moaie dagen geane wy d’r op út op ’e fyts en strune in kultuerhistoaryske route ôf (de Âldfaars Erf Route bygelyks), of wy geane nei Firdgum, dêr’t yn it eardere skoaltsje âld boereark útstald stiet. Wy sjogge ús de eagen út by demonstraasjes fan âlde ambachten. Yn ús nijmoadrige keukens wurde resepen út beppes tiid mei leafde útprobearre; yn ferskate restaurants kin men op de menukaart lêze “..... út beppes tiid”. Men sprekt tsjinwurdich wrachtsjes – sa lêze wy op Ynternet - fan in “retro moade”, û.o. “kleding geïnspireerd op de jaren 40, 50 en 60”. Sa kinne wy noch wol efkes trochgean, mar it is wol dúdlik: de tiid “doe’t pake jit feint wie en beppe jit faam ...” (sa begjint in Frysk ferske), it mei dan in “oare tiid” wêze, dy tiid lit ús net ûnferskillich.

Obe Postma en it ferline.

Wêrom yn boppesteande safolle wurden besteed oan dat stikje ferline, dat foar mannichien anno 2016 in spesjale betsjutting hat – de tiid fan ús âlden en neiste foarâlden? Wol, it hat der alles fan dat Obe Postma (berne yn

1868) yn syn histoaryske stúdzjes, sa’t dy troch Philip-pus Breuker gearbrocht en, mei in ynlieding fan syn hân, útjûn binne yn it boek *It deistich bestean by âlds – samle histoaryske opstellen II*, dy tiid fan syn âlden en neiste foarâlden oerslacht! Dy stúdzjes besprekke it tiidrek fan de sechtjinde, de santjinde en de achttjinde ieu. De frage komt dan op: Is dat net wat frjemd? Liet Postma him dan oan dy perioade dernei, rûchwei de perioade fan de Frânske tiid oan 1875, net folle gelegen litte, en hie hy der gjin ferlet fan om ek dy perioade yn syn histoaryske stúdzjes te beheljen?

Soks hoecht ús lykwols gjin nij te dwaan. Ommers: wie dy tiid fan Postma’s âlden en neiste foarâlden wol safolle oars as sines, lykas dat foar ús wòl it gefal is? Wy moatte wol foar it ferstân hawwe dat de njoggentjinde iuw in hiel oar foarkommen hat as de iuw, dy’t efter ús leit, de tweintichste. Dêr sille wy no net lang by stilstean; hiel yn it algemien kinne wy wol sizze dat dy iuw, alteast yn ús lân, gjin tiidrek west hat fan oarloggen, hektyske tastannen (revolúsjes), en fan rapid social change. It libbensritme fan de minsken, benammen op it plattelân, wie doe frij egaal en sûnder fersnellings, kenmerke troch “het enkelvuldig leven van eeuwoud werk in weide en stal en schuit” (J. C. Bloem). Abrupte oergongen wiene der al hielendal net, of it moast dy iene hommelse oergong yn 1848 wêze, doe’t kening Willem II yn ien inkelde nacht fan konservatyf liberaal waard (mar dat troch dy omkear fan de kening it deistich libben fan de minsken út ’e koers rekke dat sil nimmen bewearre). Ja, wy kinne by einbeslút wol sizze dat der doe noch in kontinuüm wie fan in libben, dat de opienfolgjende generaasjes dielden, in libben dêr’t men fan hûs út mei fertroud wie en bleau. Foar de opgroeierende skrandere, yntroverte knaap en jongfeint Obe sil dat ek sa west ha: de tiid fan syn âlden en neiste foarâlden wie ek sines.

Dochs hat der yn it kollektive ûnthâld fan de minsken doedestiids earne in knoop yn ’e tiid sitten, te witten de knoop fan de Frânske tiid (“Waterloodag”, de achttjinde juny, wie sûnt 1840 in nasjonale betinkingsdei), en hat dat ûnthâld weet hân fan in breukflak fan twa tiden: it breukflak fan de Frânske oerhearsking, fan in tiid derfoar en fan in tiid dernei. De tiid derfoar sil nei myn betinken foar de minsken yn de njoggentjinde iuw dê “oare tiid” west ha, in tiid dêr’t tenei de histoaryske ynteresse nei útgie. Sa ek de histoaryske ynteresse fan Obe Postma.

No kin men sizze: “Mar Postma hat him dochs wol útlitten oer dy tiid fan syn âlden en neiste foarâlden? dy tiid ropt er dochs op yn syn fersen?” Wiswier hat Postma dat dien ... en hoe! Mar yn syn fersen sprekt Postma ûnmiskenber yn in oar, apart register – it register fan de dichterlike, net it register fan in beskriuwende, objektivearjende taal (lykas yn it boek *It deistich bestean by âlds*). Sille wy it der dan mar op hâlde dat Postma no ris dichter, dan wer wittenskipsman wie? – it earste dan foaral fan

de tiid fan syn âlden en neiste foarâlden, it twadde fan it lange tiidrek derfoar? Mar dizze foarstelling fan saken is al te simpel; as wy sà tinke geane wy te koart troch de bocht! Breuker ornearret yn syn ynlieding fan it sakrekt neamde boek dat Postma “as histoarysk ûndersiker dichter wie”. Hy seit it sa: “En goed besjoen is de skiednis dy’t yn dizze bondel gearbrocht is, eins sels poëzy. Hy jout it libben sels, Hy hat dúdlik nocht oan al dy ûnbekende dingen dy’t er fûn hat. Hy lit se sprekke yn har bûnt ferskaat”. Myn each is heakjen bleaun efter dizze opmerkingen fan Breuker. Dit soe ik him sa net neisizze kinne, mar wol tsjinnet de frage him oan: hoe kinne wy dy link tusken Postma’s wittenskiplik krewearjen en syn dichtsjen ferstean? Want dat der in spjalt wêze soe tusken syn dichterlike taal yn syn fersen en syn beskriuwende taal yn syn stúdzjes (dat dan miskien ek op in spjalt yn syn wêzen tsjutte soe) – dat wol ek my net oan.

Mei dizze frage anneks is der noch in frage, dêr’t ik mei omtipelje: Is dy tiid, dy’t Postma yn syn fersen opropt (“evoceert” is it deftige Hollânske wurd) eins wol de tiid fan syn âlden en neiste foarâlden? Nei hokfoar ferline taalt de dichter yn syn dichtsjen? Is dat ferline eins wol in “histoaryske tiid”? Yn syn ynnimmende fers “It Ferline” (1902) tsjut Postma it ferline oan mei de wurden “dat wûnd’re sechje”, dat him net mei rêst lit. “Wûnd’re sechjes” - dat binne dochs de mearkes en de leginden, de mythen? Slimme fragen - mar my tinkt wòl fragen mei rjocht en reden. Fierderop sil ik besykje oer dizze fragen noch wat ferstannichs te sizzen, mar dat sil net meifalle. Mar no earst wat oer it boek “It deistich bestean by âlds” sels.

“Wat wittenskip út âlde brief beskreaun”

Dizze bondel is it twadde en tagelyk lêste diel mei stúdzjes op histoarysk gebiet fan Postma. De earste bondel wie *Veld, huis en bedrijf – landbouwhistorische opstellen* (2010). Der is in ferskil tusken beide bondels. Breuker tsjut dat ferskil yn syn Wurd foarôf as folget oan: “It karakter fan dit boek is hiel oars as fan *Veld, huis en bedrijf*. Dat befettet meast stúdzjes fan de earste jierren, dit fan de lettere. De grins leit om 1935 hinne. Dat giet meast oer de Midsiuwen, dit oer de santjinde en achttjinde iuw; dat is systematysk fan aard en probleemoplossend, dit jout in bûnt ferskaat fan ûnbekende feiten; dat giet oer fjildyndieling en belestingen, oer lânmjitten en nammen, dit oer it deistich bestean fan boeren en boargers, ek út de stêd. Ekonomy en bestjoer krije no omtinken, de skiednis fan pleats en fjild minder. De stikken út de oare bondel binne meast skreaun yn it Nederlânsk, dizze yn it Frysk. Sa is Veld, huis en bedrijf mear foar de wittenskipper, dit boek mear foar de ynteressearre leek. Dêrmei wjerspegelje se twa kanten fan Postma, dy’t yn de tiid by him op elkoar folgen. Tegearre meitsje se it byld kompleet fan de man dy’t neist de dichter ek de gelearde fan it Fryske lân en libben wie.”

It moat fuortdaliks sein wurde dat de skriuwer fan dit stikje de yntrinsike wearde fan dizze stúdzjes, dy't op dreech argyfûndersyk berêste, net taksearje kin. Hy wit: foar de histoarikus jildt it parool: “Ad fontes”, d.i. werom nei de boarnen! Dy boarnen binne dokuminten fan al-lerhanne aard dy't yn argiven bewarre bliuwe. Men moat yn dizze wrâld fan âlde papieren wat thús wêze om dêr de wei te finen, om sokke dokuminten mei faak âlde Hollânske wurden en in âlde stavering lêze en, somtiden mei it fergrutglês by de hân, ûntsiferje te kinnen. Boppe-al moat men in echte wittenshipsman wêze, dy't de gegevens sa wit te bewurkjen en te ynterpretearjen dat dêr it ien en oar op út te meitsjen falt. Dêrom moat de lêzer gjin resinsje fan dizze bondel ferwachtsje, dêrta achtsje ik mysels net kompetint.

Mar it giet my ek om wat oars, om de frage: wat betsjutte dizze suver asketyske wurksumens foar Postma? Hy hat hiel wat tiid trochbrocht yn argiven, benammen yn it Ryksargyf yn de Kânselarij yn Ljouwert. Ik besykje my dêr in foarstelling fan te meitsjen, hoe't Postma dêr miskien syn eigen plakje hie, dêr't him mei de guozze-fear skreaune brieven, ynventarisasjes fan buolguodden, proklamaasjes, kontrakten, ferslaggen, rekkenboeken fan kleasters en weeshuzen, ensafuorthinne ûnder eagen kamen, mei allerhanne gegevens oer de yndieling fan huzen, oer húsrje en húshâlding, klean en bêdguod, materialen en ridskip, jild en sinteraasje, iterij en itensark - saken fan de saneamde “materjele kultuer” fan minsken.

Dêr sit er dan yn sa'n stille lêseal mei fergiele teksten fan minsken lang ferlyn – teksten mei saken oer hiel konkrete dingen, dy't er sekuer neigiet en mei syn kroantsjepinne oerskriuwt yn syn skriften (dêr't wit ik hoefolle fan bewarre bleaun binne). Miskien hat er de rook fan dizze argyfstikken wol ris opsnúfd. Ja, dêr kin men dan wol yn komme dat foar in man as Postma, dy't sels ek omtinken hie om de konkrete dingen om him hinne, yn dizze ambiance it ferline ta libben kaam – yn de dingen fan it deistich libben mei syn behoeften dy doedestiids net oars wiene as de basic needs fan de minsken fan alle tiden. Breuker is fan betinken dat de yn dizze bondel gearbrochte stúdzjes sels poëzy binne. Ik soe it oars sizze wolle: It is mear sa dat Postma mei syn histoaryske stúdzjes dong oandroegen hat op de eker, dêr't er syn fersen op grutbrocht. It gyng by him tinkt my lykop: wittenskiplik ûndersyk en dichtsjen; it hat net sa west dat yn 'e tiid no ris it iene, dan wer it oare wie. (Yn it tiidrek fan de yn dizze bondel gearbrochte stúdzjes skreau hy û.o. de fersen dy't yn de bondels *It sil bestean* (1946) en yn *Fan wjerklank en besinnen* (1957) samle binne, en sette hy ek fersen oer, û.o. fan Emily Dickinson. De útjefte fan syn *Samle Fersen I en II* (1949), dy twa moaie donkerblauwe bannen, hat him grif ek in tiidlang beuzich holden. Wol kriget men de yndruk dat mei de tiid de wittenskiplike stúdzjes de oerhân namen.)

Slimme fragen

“Nei hokfoar ferline taalt de dichter yn syn dichtsjen”? - dat wie de frage. Immen hat Postma ris in soartgelike frage steld: “Hwer giet jins dichtsjen oer”? Der is in fers fan Postma mei dizze titel (1940). Sa'n frage – sa stel ik my foar - kin hiel wol ôfkomstich wêze fan immen, dy't wakker yn de gedichten fan Postma omlêzen hat en by him-/harsels fêststeld hat: it is dy man earne om begûn - mar wat is dat krekt? Yn elts gefal fûn Postma de frage blykber wol sa nijsgjirrich om der op te reagearjen (sa't er yn syn fersen wol faker op fragen fan minsken docht). Lit ik, om yn de stimming te kommen (en de lêzer ek yn de stimming te bringen), dat (tajûn: wol wat stroffelige) fers ris sitearje.

“Haww’ jo fan God wol dichte en fan leafde wol?
Dat is hwat djipst beweecht! Fan heitelân?
En fan natûr – hwat evenrediger - ?
Sa hawwe hja fan âlds de skiften hawn.”

Ik song fan God it earste bernedicht,
It wie Syn byld, dat ik yn 'e wolken seach.
Mar mei it namme ha? It is forlyn;
No stean ‘k as heiden slein oan tsjerkeweach.

Song ik fan leafde? Gjin jong-minne liet.
Fan heitelân? 't Ald hert dat 'k Fryslân neam?
En fan natûr? Net as in idel byld;
Sa as hja droech, de ljocht-en libbensstream.

Mar alles is yn alles; siele hat
Syn libbensreis en swetten binn’ net oer.
Sa mei it wêze dat in selde liet
Sjongt God en leafde, heitelân, natûr.

Wa't fertroud is mei de fersen yn benammen de beide earste bondels *Fryske lân en Fryske libben I en II* (1918, 1923) wit dat Postma yn mannich fers yn in ienfâldige taal ympresjes werjout út syn jonge jierren, út syn berne- en jongfeintetiid. Dy ympresjes koe hy sa libben werjaan om't hy, ûntfanklike man dy't er wie, bejeftige wie mei in bysûnder “affektyf geheugen”. Sintúglike yndrukken fan foarwerpen en foarfallen yn it hjir-en- no koene him ferpleatse yn omstannichheden fan eartiids, doe't er jong wie – omstannichheden, dêr't er dy foarwerpen en foarfallen al ris yn moete hie, en sa koe hy dat ferline opnij belibje. Soks jout in bepaalde sensasje: it is krekt oft men dy sintúglike yndrukken yn it hjir-en-no dan intet op ympresjes fan lang ferlyn dy 't, om't se doe nij wiene, eat bysûnders, eat folsleins hawwe. En mei dat psychyske meganisme fan dat intsjen op dy âlde ympresjes krije dan dy sintúchlike yndrukken fan foarwerpen en foarfallen gewicht en gloede yn it hjir-en-no. Men sprekt ek wol fan in anamnetysk geheugen – nei it Ald-grykse begryp anamnêsis dat troch Plato itige is; foar Plato wie dat it fermogen fan it geheugen, better sein: fan de siele, om jin ideeë

foarwerpen en foarfallen út “in eartiids” te binnen te bringen, de saneamde “ideeën” , dy't men ea ris skôge hie. Dy “ideeën” omfetsje foar Plato ek de weardebepalingen fan it moaie, fan it goede, en fan it rjochtfearde: wy minsken hawwe in “idee” fan wat moai, goed en rjochtfeardich is, fan dy “ideeën” hawwe wy weet. Om jin in foarstelling te meitsjen fan it platonyske begryp anamnêsis kin men miskien tinke oan it gebrûk fan it wurd “anamnese” yn de medyske wrâld; dêr is in anamnese wat in patiënt him te binnen bringe kin fan de foarskiednis fan syn sykte of ûngemak. Mei it wurd “sieleprint”, dat Postma inkeld brûkt, komt ek hy aardich yn 'e buurt fan sa'n platonyske “idee”. Hjir wol ik fierder net oer útwreidzje en de lêzer ferwize nei de moaie ynlieding op de *Samle Fersen* (2005) fan Breuker.

Postma sprekt gauris fan de “âlde bylden”, dy't foar him as yn in dream “oprize”, fan in “swiet te binnen bringen” fan dy bylden yn syn stille oerkes – oerkes fan in “Vergnügte Ruh’, beliebte Seelenlust” (de begjinwurden fan in wûnderskoane kantate fan Bach). Hy socht dy stille oerkes ek, dêr koe hy net sûnder: hy rekke de tiid dan hast bjuster, it wiene earder oerkes fan yoga as fan harsenskraabjen. Postma sels hat him ris yn 1907 útlitten oer dizze oerkes en hat it dan oer “in tobinnenbringen fen in lokkich eagenblik, in blide dei út berne- ef feintetiid, hwerby it jinge, dat men op dat stuit foar yen hat, him forbynt mei it moaie út it forline , sadet it hjoed en it forline ta ien dream yn inoar skynt to rinnen. It lytse en bykomstige wirdt wei, de soargen en noeden fan it deistige libben binne weifage” (Douwe Tamminga, dy't fan in “foech dichterlik kredo” sprekt, sitearret deze tekst yn syn ynlieding op de *Samle Fersen* (1978).

No wol it my foarkomme dat dit hiele kompleks fan “âlde bylden” en fan kostbere oantinkens mei ferrin fan tiid, mei't Postma âlder waard, in twatal (ik neam it mar) “ferdjippingen” krijt - in ferdjipping tebek yn de tiid (yn in skynber histoaryske tiid), en in ferdjipping yn 'e psyche fan de dichter sels (wêrby it mar de frage is, of 't Postma sels dit ûnderskie fan dizze twa ferdjippingen ek meitsje soe).

Earst wat oer dy ferdjipping tebek yn de tiid. It falt op dat al yn fersen út *Fryske lân en Fryske libben I en II* Postma soms in tiid opropt/oproppe wol, dy't foar syn eigen tiid west hat. Dan tink ik yn it bysûnder oan fersen as “It forline” (*Samle Fersen* (2005), s. 20/21) en it evokative “Novimberdream” (S.F., s. 84/85). Fansels: yn dy fersen sprekt net in histoarikus, mar wol ien dy't der ferlet fan hat in ferline fan foar syn eigen tiid op te roppen. Wêrom dochs? – dat is foar my ek in slimme frage. Ik soe gjin oar antwurd witte as: Postma woe him fan eat bewisje. Him bewisje?bewisje wêrfan? Dan is myn antwurd: fan tiden, dy't yn syn “dream” feitlik net oars wiene as sines (d.w.s. doe't er jong wie!); dy bylden dy't hy yn syn dicht-

sjen opropt fan foarbye tiden steane ûnder in soartgelike beljochting as de “âlde bylden” fan syn jonkheit. Mar mei dit te sizzen komme wy yn 'e problemen. It probleem sit him yn it bywurd “feitlik” – in dichter jout him dochs net ôf mei “feiten”? En kom no! - soene dy tiden wier net oars west ha as sines? - in histoarikus wit wol better! Anneksearret Postma dy foarbye tiden net foar eigen gewin, foar syn dichtersdream? Projektarret de dichter de dream fan syn jonkheit miskien yn in aetas aurea, in “gouden tiidrek” fan syn lân en syn folk?

No kin men sizze : mar neist dichter wie Postma dochs in echte histoarikus! Sjoch no ris nei al dy feiten, dêr't hy yn syn wittenskiplike wurk mei oan komt setten. Ja, dat is sa, seker is dat it gefal, mar yn myn optyk wiene dy histoaryske stúdzjes dong – sa't ik earder sei “dong oandroegen op de eker, dêr't hy syn fersen op grutbrocht”.

Bang dat it no in tizeboel wirdt lit ik leaver Postma sels oan it wurd. It is in moaie tekst, dêr't wy wat oer mimerje kinne. Yn syn “Voorwoord” fan syn wittenskiplike stúdzje *De Friesche Kleihoeve* (1934) lêze wy:


“Stel u een klein dorpje voor in de friesche kleistreek. Van het dorp voert weer een groene landweg naar een paar boerenplaatsen op een hoogte gelegen. Het is een kleine, hoge terp. Steil loopt van de groote schuurdeur af de weg naar beneden door den yester, waar juist het vee is bijeengedreven, de weilanden in. Wij staan naast het eene, oude huis en in alle richtingen zien we dorpen, kerktorens, gehuchten als dit en afzonderlijke hoeven, misschien ook een enkel stadje. En op deze stille plek, naast dit oude binhuis, met deze steile “reed” voor ons, voelen we ons als door vreemde krachten eenige eeuwen in den tijd teruggevoerd. Wij zien de oude boeren, het lang vergane geslacht, met de zwaar beladen hooiwagens moeizaam de hoogte beklimmen en een machtig gemeenschapsgevoel, dat heden en verleden als een eenheid omvat, vervult ons geheel. De dichterlijke geest vindt zijn bezieling. Maar er is nog een andere zijde van ons wezen, waarbij we ons niet verliezen in de aandoening der algeheele overgave, maar meer actief wat buiten ons is, hier het verleden, door het begrip tot het onze trachten te maken. Als zoodanig is het dat wij willen weten. Wij zouden willen weten, hoe het bestaan dezer terpgehuchten is geweest, hoe deze velden in grondstukken zijn verdeeld, hoe deze plaatsen zich gevormd hebben. Bij deze zijde van ons wezen behoort dit boek. Het richt zich tot den wetenschapsmens in ons en handelt over de geschiedenis van den grond in zooverre hij door den mensch in gebruik werd genomen. Daar de cultuurgrond de hoeve als zijn voornaamste vorming heeft, is het dus ook een boek over de hoeve”.

Hoe sit it no krekt - neist de ferdjipping tebek yn de tiid - mei dy oare ferdjipping, de ferdjipping yn de psyche fan de dichter sels? Nei syn gymnasiumtiid yn Snits keas

Postma foar de stúdzje wis- en natuerkunde yn Amsterdam. Yn de wis- en natuerkunde is hy ek promovearre. Yn syn lange, wurksume libben hat hy dizze “eksakte fakken” dosearre op de Ryks-H.B.S. yn Grins. It giet hjir om disciplines dy’t in berop dogge op wat wy neame “it yntellekt”. Postma hat dit yntellekt trind, hy wie fan hûs út in bêta-man. Is it al in hiele toer om in link te lizzen tusken Postma’s dichtsjen en syn histoaryske stúdzjes, in noch swierder kerwei liket my it lizzen fan in ferbân tusken syn dichtsjen en syn bêta-eftergrûn. Hoe koe in man mei sa’n training yn de eksakte wittenskippen útgroeie ta “Dichter fan it Fryske lân” (dy wurden steane op syn grêfstien yn Koarnwert)?

No liket my, in alfa, it wis- en natuerkundige tinken in yntroverte bezichheid. Ommers: de foarwerpen en foarfal-fallen fan dit tinken wurde net sasear sjoen yn de werklikheit dy’t wy mei ús sintugen gewaarwurde, as wol skôge yn it yntellekt. Soe dêr miskien in link lizze kinne mei it skôgjen yn it dichtsjen fan Postma? En dat foaral wannear’t wy betinke dat by him it dichterlike skôgjen him somtiids liket te rjochtsjen op it fermogen fan it skôgjen sels, op dizze spesifike aktiviteit fan syn psyche? Ik bedoel dit: krekt sa’t mannich wis- en natuerkundige syn/har tinken somtiids werombûcht fan de abstrakte objekten nei it fermogen fan it yntellekt sels (lykas Immanuel Kant dat die yn syn *Kritik der reinen Vernunft*), sa liket ek Postma, mei dat er âlder waard, syn skôgjen fan “in eartiids” somtiids om te bûgen nei it fermogen fan dat skôgjen sels (lykas de tsjerkefaar Augustinus dat die yn it tsiende boek fan syn *Confessiones*). Postma sels hat him oer dat fermogen fernuverre: Wat is dat foar in wûnder fermogen fan my om my dingen foar de geast te heljen en te skôgjen? Bin ik it sels wol dy’t dat allegearre betinkt? Dêrby hat hy, sa stel ik my foar, de ûnderfining opdien dat dat fermogen om te skôgjen net op himsels stiet, mar earder in refleks is fan eat dat bûten him is, eat dêr’t syn skôgjen mei yn ferbining stiet. Oars sein: yn dat wjerfarren is it subjekt fan dit skôgjen net it ego fan in isolearre individu, mar komt der yn dit skôgjen in “machtiger wâldzjen” ta wurden (“machtiger wâldzjen” - it binne de wurden fan Postma sels, mar ik haw it plak net sa gau weromfine kind). Hy siket nei wurden dy’t dat wjerfarren wat benei komme; faak binne dat nochal frjemde, ja útwrydske wurden. Ik sil dêr hjir no gjin blomlêzing fan jaan; elke lêzer fan Postma’s fersen hat der wol in foarrie fan oanlein. Wy, sekuliere minsken dy’t wy binne, kinne dêr dan wat om gnyskje of, noch slimmer, dy wurden bestimpelje as “ûnbewiisbere en healwize ûnsin” (soks lies ik yn it foarige nûmer fan *Wjerklank*), mar men moat jin dochs in foarstelling witte te meitsjen fan dat wjerfarren, fan dat proses fan bewustwurding by Postma, om dy “taastende útspraken” (Tamminga), miskien mei in glimke, te ferstean. En wy moatte ek betinke dat dat proses earder in ûntfanklik ferstean west hat as in harsenskraabjen. Miskien dat wy dan ek in kryptyske titel as dy fan de bondel *It sil bestean* (1946) wat fetsje kinne.

It idee fan in Obe Postma Selskip is op sneintemiddei 21 maaie 2006 ûntstien. Pieter Bakker en Philippus Breuker hienen doe yn de tsjerke fan Skraard in kulturele middei belein, wêrby’t Pieter Bakker muzyk útfiere liet en Breuker oer it lânskip by Postma spriek. Dêr wie aardich flecht op ’e koai, en Siebren van der Zwaag stapte doe yn it skoft op Breuker ta en frege him, oft der ek in OPS wie. Op Breuker syn fraach oft hy dat mei oprjochtsje woe, sei er fan ‘ja’ en Breuker woe ek wol, mar dan moast Jan Gulmans, dy’t der ek wie, ek meidwaan wolle. Dat woe er en doe ha Breuker en Van der Zwaag der in pear lju by socht (Tineke Steenmeijer-Wielenga, Piter van Tuinen, Sybren Sybrandy en Hylkje de Jong) en sa koe it Selskip oktober 2006 offisjeel oprjochte wurde.



Ljouwerter Krante 27 oktober 2006 – oankundiging fan de oprjochting

‘It doe yn ’t hjoed wer wûn’

Stilstean by it tsienjerrich bestean fan it Obe Postma Selskip

Jan Gulmans

*Boppe dichtersjierren bin ik âld,
Mar dizz’ dei hawwe wûndere krêften wâld:
Lichte rimmen komme op my ta*

Yn ’e hjerst fan twatûzenseis, op 19 novimber, waard der in gearkomste hâlden yn ’e tsjerke fan Skraard. Philippus Breuker hâlde tsjinoer in protte Postma-leafhawwers in lêzing oer it tema *Postma en it lânskip*. Nei ôfrin naam Breuker it inisjatyf ta wat inkele dagen letter wurde soe de oprjochting fan it Obe Postma Selskip. Hy frege Siebren van der Zwaag (lykas bekend de âld-foarsitter fan it OPS) en de skriuwer fan dizze bydrage oft se ree wiene oan de tarieding fan wat letter it Obe Postma Selskip hjitte soe, mei te wurkjen. Dat wiene se. Rillegau dêrnei koe de akte passearje en waard in tsienjierreplan opsteld. Yn dat plan stie ûnder mear te lêzen, dat it Selskip as doel hie ‘het bevorderen, verbreden en verdiepen van de bestudering

van het oeuvre van de Friese dichter en wetenschapsman Obe Postma, het bevorderen van uitgaven, betrekking hebbend op zijn werk en zijn leven, alsmede van heruitgaven van zijn eigen werk, en het publiceren en toegankelijk maken van zijn handschriften en aantekeningen’. En fierder: ‘Op jaarlijkse studiedagen vormen thema’s uit het werk van Postma het uitgangspunt voor een aantal wetenschappelijke lezingen’. ‘Daarnaast geeft het Obe Postma Selskip twee keer per jaar het tijdschrift *Wjerklank* uit voor zijn leden. Met *Wjerklank* geeft het Obe Postma Selskip informatie over de voortgang van zijn activiteiten, projecten en publicaties, brengt het ook ander nieuws over de wederwaardigheden van het Selskip uit en biedt het plaats aan studies over leven of werk van Postma. Het Selskip organiseert ook elk jaar een Postma-reiske langs allerlei plaatsen, die reminiscenties hebben in diens werk. Tijdens de reis worden gedichten van Obe Postma voor-



De earste foarsitter: Siebren van der Zwaag

gelezen. Tijdens de ledenvergadering van het Obe Postma Selskip wordt ook aandacht besteed aan Obe Postma. Ter ondersteuning van alle activiteiten wordt er een website vervaardigd (www.obepostma.nl). Naast de genoemde activiteiten worden er verschillende boeken uitgebracht'. De fraach is uteraard oft sokke nochal ambisjeuze doelstellingen nei tsien jier hielendal of foar in grut part realisearre binne. Ik kom dêr wiidweidich op werom. Mar wat wie eigenlijk de grûn of it motyf om it Selskip op te setten? Nei myn miening wie dat it ferlet by dizze en jinge om it klisjee om Postma hinne, as soe men syn hiele dichtwurk rûchwei gearfetsje kinne as in tebeksjen op syn eigen ferline en dat fan Fryslân, ja dat hy skriuwt oer it sljochte lân en libben, te nuansearjen. Mar, sa sil de lêzer him mooglik ôffreegje: wie der dan yn de nei-oarlochse resepsje fan Postma's dichtwurk sprake fan in klisjee-byld ?

Klisjee-bylden om Postma's dichtwurk hinne

Op 21 novimber 1978 ferskynde yn 'e *Ljouwerter Krante* in oankundiging fan in nije útwreide edysje fan de *Samle Fersen* (de Tamminga-edysje). Dizze krante liet witte, dat 'it wurk fan dizze útsûnderlike dichter tige fris en hjoeddeisk oandocht. Dizze fynfelde lyryk mei syn mylde, wiisgearige ûndertoan sil de jongerein ek grif oansprekke'. Op njoggen maart 1957 spruts Prof. dr. Jelle H. Brouwer foar de VARA oer Postma; Riek Landman soarge foar it foardragen fan de gedichten. Nijsgjirrich nei wat Jelle Brouwer te sizzen hie, haw ik dat ris opfrege by 'Beeld en Geluid' te Hilversum. It die bliken, dat sels Brouwer net fierder kaam as it niisneamde klisjee-byld. Doe't Postma eareboarger waard fan Wûnseradiel wist de *Friese Koerier* op 23 febrewaris 1956 net meer te sizzen as '[d]e raad van Wonsradeel heeft besloten om de Friese dichter en historicus, Obe Postma te Leeuwarden, het ereburgerschap aan te bieden. Dr. Postma is 29 maart 1868 in deze gemeente en wel te Kornwerd geboren. Dr. Postma, die zich nu op hoge leeftijd nog bezig houdt met de geschiedenis van Wonsradeel te schrijven, heeft te zijnen huize de legpenning en de oorkonde, die bij het ereburgerschap behoren, in ontvangst genomen'. *De Telegraaf* (29 juny 1963) makke der mear fan doe't dizze krante by Postma's ferstjerren witte liet: 'Obe Postma - Fries dichter - overleden. Dr. Obe Postma, de nestor van de Friese dichters, is in de ouderdom van 93 jaar overleden. Dr. Obe Postma werd geboren in Kornwerd als zoon van een veehouder. Hij promoveerde in Amsterdam in de wis- en natuurkunde en was o.m. leraar in Tiel, Tilburg en Groningen. In 1933 vestigde dr. Postma zich in Friesland, waar hij zich sedertdien heeft beziggehouden met historische studies, vooral op het gebied van de landbouw. Sedert zijn gymnasiumtijd publiceerde dr. Obe Postma Friese gedichten. Postma heeft zich ook verdienstelijk gemaakt met een studie over de Friese kleihoeve, een historische studie over het ontstaan van de Friese boerderijen. Op grond van deze verdiensten werd hem als enige in ons land zowel de *Gijsbert Japixcprijs*-voor zijn gedichten als de *Joost Hal-*

bertsmaprijs voor zijn historische studies toegekend'. Op 16 septimber 1983 kaam de *Ljouwerter Krante* wat meer polemisk út de hoeke, doe't dizze krante witte liet, dat '[i]t literêre tydskrift Maatstaf meikoarten in rige fersen publisearret fan Obe Postma yn Hollânske oersetting fan it duo Ed Leeftang en Fokke Plat. Men mei oannimme dat hja (Plat is in Fries) better betearde binne as de nochal flantrige oersettingen in skoft lyn yn Avenue fan de hân fan Hans Sleutelaar'. Sa kin it ek; lykwols, arguminten foar dy saneamde flantrige oersettingen wurde net jûn. Freark Dam is in útsûndering op wat ik no mar, yn oansluting op *De tirannie van het cliché* fan A.C. Zijderveld (Dimter, 1982), de tyranny fan it Postma-klisjee neam. Yn syn rubryk *Sa Sydlings* (LC 10/3/89) seit hy ûnder mear: 'Yn it Frysk, sa hat de dichter Obe Postma wol suggerearre, falt it lichter te dichtsjen oer de hjerst as oer de maityd. My tinkt, dat er sels mei mannich moai maitydsfers dy stelling ûntkrêfte hat, mar der is by Postma yndied ek gauris in sprekking, sfearfol hjerstfers te finen. Lykas 'Neisimmer', út syn earste bondel *Fryske lân en Fryske libben* (1918). Freark Dam giet dêrnei yn op parallellen by Pieter Jelles Troelstra en Sjoerd Spanninga. De earste sei, al te stûf, 'De hjerst hat de simmer te hôf brocht', wylst Postma seit 'Dit binne de lêste siken'. Interessant, dat men by mear dichters it byld fan de simmer, dy't stjert om plak te meitsjen foar de hjerst, fynt. It is de fraach of Maarten 't Hart, doe't hy, by gelegenheid fan in fototentoanstelling yn it Letterkundich Museum yn Den Haach, op 18 maaie 1979 in side-grut artikel yn *NRC Handelsblad* oer Postma skreau ûnder de titel 'Op een zondag in mei', dit opmurken hat. Syn skôging gie yn elts gefal folle fierder as wat yn de *Encyclopedie van Friesland* van 1958 stie: 'Verfijnd lyricus van aardse gerichtheid, maar tegelijk van wijsgerige eenheidsbeleving'. En wat te tinken fan Fokke Sierksma's indirecte en omslachtige lokwinsk ta Dr. Obe Postma's 82ste jierdei, 29 Maert '50' (ferskynd ûnder de titel 'Complete poezij' yn *De Tsjerne*, Jiergong 5, 1950)? Hy seit ûnder mear: 'Bisjocht men dy earste fersen ris hwat neijer, dan fornimt men wol, dat Postma hjir en dêr der dochs útrint by de rymdichters fan 'e kranten. Dat is gjin forskil yn soarte, mar yn intensiteit. Yn 'e earste pleats is by him de irony, lyk as sinneljocht dat troch de wolken brekt. Alhoewol, irony hawwe de dichters dêr't ik niis op doelde ek wol, by tiden op it forrassende ôf. Né, it giet by twa oare dingen ôf: Postma's finesse - in oar wurd as dit Frânske kin ik net fine - en syn leafde foar it détail, en dan foaral de combinaesje fan dy beide eigenskippen. Dêrmei hat er de hjerst- en geraniumpoezij opfierd ta in hichte, dêr't wthoefolle moderne dichters har libben lang mimerjend hinne op stoarje sille. [...] En it is dan ek dy leafde ta de concrete wrâld, dy't Postma der foar biwarre hat op syn âlde dei in filosofearjend dichter to wurden, dy't mar better filosofearje kinnen hie as dichtsjen. Bispeging en filosofy moatte by him earst troch de dichterlike, concrete visy hinne, foar 't hja plak krije yn it gedicht. En ferslyt der soms dochs noch samar in brokje monistyske

wrâldskôging yn in fers fan sines, dan jowt de contrastwurking mei de matroaskes yn 'e Ato-bus, de kluten modder yn 'e hân fan 'e dichter, de Koarnwerter toer en al dy forrassende bisûnderheden krekt sa'n pikante poëtyske smaek. Sa skerp en sa concreet sjocht Postma de dingen, as wy it allinnich yn in dream of yn in hallucinaesje dwaen kinne. Dat is gjin wûnder, syn eagen binne skerp fan forlängen. Hy langet nei Fryslân en nei syn jonkheit. Natuerlik docht er dat; hy soe gjin dichter wêze, as ek hy syn forlern paradys net hie. Dat forlerner paradys is de iennichste formule dêr't men alle poëzij mei fange kin, en dy't dus neat mear seit. It hinget der mar fan ôf, hwatfoar in forlern hôf fan Eden in dichter hat en hoe't it forlangst nei dat hôf him uteret'. Ek Sierksma, hoefolle wurdearring hy dan ek fertsjinnet foar syn skôging, ûntkomt net alhiel oan de retoryk fan paradys en jonkheid. Allikemin as Inne de Jong, dy't yn *De Groene Amsterdammer* (6-7-1963) it klisjee-byld 'Zijn droom lag binnen en tegelijk achter de wijde Friese kimmen' beklammet, en as S. J. van der Molen, dy't yn *De Schouw* (april 1942) it klisjee-byld nochris opropt mei de folgjende wurden: 'Het is duidelijk, dat in de verzen van een dichter, die zo sterk verbonden is met het verleden en die zo geheel openstaat voor de

mystieke krachten in volk en bodem, veelal een dromerige mijmerende toon klinkt'. Lykas de lêzers fan *Wjerklank* wol witte, kaam nei de earste edysje fan de Samle Fersen (Brandenburgh & Co, 1949) yn 1957 in nije bondel fan Postma út. Dat wie *Fan Wjerklank en Besinnen*, dit kear útjûn troch Laverman te Drachten. Postma waard yn de maitiid dêrnei njoggentich jier. Ype Poortinga skreau in besprek fan dizze bondel (*Ljouwerter Krante*, datum ûnbekend) en helle, net tafallich, dizze strofe oan: 'Hwat woll' hja fan de âlde dichter ha, / As 't oansik komt: reedzje ús hwat poëzij; / It âlde fielen is net hwat it wie, / Hoe moat it rymjend wurd syn gloede krije?' Poortinga hat as lêzer fan dizze bondel in hiel oare erfaring. Hy sprekt oer dronkenskap (lykas by Emily Dickinson) en oer de betsjoening dy't der fan de ljochte ierde foar him útgiet; hy seit, nei oanlieding fan it gedicht 'Simmer', dat de opteinens nea grutter west hat as yn dit fers. In opteinens dy't de dronkenskap bytiden benei komt, om de skjintme fan 'e ierde en it libben. Poortinga beslút mei oandacht te freegjen foar it lêste gedicht fan Postma, mei de rigels: 'Om te sjongen net, om te skriemen net; / Mar om stil yn it ynderlikst op te gean / As in skimke fan ivichheit'.



Philippus Breuker: Obe Postma-kenner en ynspirator fan it Selskip

It besprek, dat Douwe Kalma joech fan de bondel *Fryske lân en Fryske libben* (boarne ûnbekend, sjoch Knipselmap Tresoar), gie in oare kant út. Hy sjocht in besibbens tusken Ids Wiersma en Obe Postma. En wêryn leit dy besibbens? Yn it ‘stadich kwinen en it drôf forfal. / Stadich fergiet it, ring is it forstoarn’. Foar Kalma is Postma in wiere tsjoender; syn dichtwurk is blyk fan ‘in stille ynlikheit dy’t jin omwevet mei sok in ûnwearsteanber-meinimmende oandwaenlikens’. De bondel *Fryske Lân en Fryske Libben* is foar Kalma ‘as it gemoarmel det riist út it herte fan in saed, forhoalen ûnder lyljes-fen-de-delling en de krûden fan it wâld, hja is it dimmene-stil-blide en stil-wêmoedige sjongen fen ien, dy’t syn suverheit fen herte of altiten biwarre of nei folle ûnderfinings en striid werwoun hat’. Retoryk fan it suverste wetter, soe ’k sizze.

S. D. De Jong hellet yn syn besprek fan *Dagen* (Brandenburgh & Co, Snits) - yn hokker krante is wer ûndúdlik (sjoch Knipselmap Tresoar) - Rintsje Sybesma, waans völkisch stribjen der fan Postma fan lâns krijt, nei foaren. Benammen dy syn ferhearliking fan *De Wylde Boerinne* fan T. E. Holtrop (ûnder pseudonym Gerben Goasses) nimt Postma der in bytsje tusken. It falt op, dat de resinsint fierder neat te sizzen hat oer de bondel. Krektlikemin as Jan fen ’e Gaestmar, dy’t yn in koart besprek - yn hokker krante is ûndúdlik (sjoch Knipselmap Tresoar) - fan *Fryske lân en Fryske libben* neat oars op it aljemint bringt as dat de titel ‘taelkindich’ net doocht, fanwege twa kear dy e yn ‘Fryske’. Yn de *Stim fan Fryslân* (novimber, 1932) skreau K. Fokkema in stikje mei de titel ‘Wat sjocht de dichter?’ Hy is fan opfetting, dat yn it gedicht

‘De Boerinne fan Surch’ de langst nei it ferfleine lok yn de boerinne tekene is. Wy binne net ûnforskillich foar dit frommis, want wy hawwe ek part oan har fielen, neffens Fokkema.

Op 20 maart 1938 skreau de al neamde Douwe Kalma nochris in artikel oer Postma (yn hokker krante of tiidskrift is wer ûndúdlik). Hy hat it oer de relaasje Jan Jacob Slauerhoff en Obe Postma. It is te belangryk om hjir net op te nimmen. Slauerhoff hat ommers, lykas Philippus Breuker op in reis fan it Obe postma Selskip sei, Postma ta himsels brocht (of wurden fan dy strekking). Kalma sei yn 1938: ‘Postma’s greate forearing for Slauerhoff, dêr’t somliken fen syn bêste fersen fen tsjûgje, koe der wol ris gâns mei to meitsjen hawwe det er, Slauerhoff’s tragysk mar moedich libbens-aventûr biwûnderjend, him hwet skammet oer de stiltme fan eigen libbenswei. Wy earbiedigje det fielen; mar wy diele it net. Net elts kin in ûntdekker en in fjochter wêze, de wrâld hat hjar mimerers en dreamers tige nedich, en de tsjinst fen hjar dreamers is gjin lytsere as troch hjar de wrâld leart hjar better to ferstean. Yndied, de wearden fan Postma’s dichtung lykje ienfâldich: der is it klear en leavjende oantinken, it stille, hoedene sykjen nei freonskip, it djippe lok om de ierde en hjar rykdom. Mar fen dizze selde wearden binne de ûnnoazelste rymkes gear to stallen; det hja hjir kostber en ús nei binne, komt derfen, det it in dichter is dy’t se uteret. Suver en meinimmend en kinstryk, in eale foarm pearjend oan in eal wêzen.’



Efkes lins by in reiske

In oar perspektyf

Sûnder twifel ha de skôgings fan Geart van der Meer yn *Trotwaer* (1979, side 209 – 256 en 1982 nûmer 2, 131-141) en syn diskusje mei Tony Feitsma nei oanlieding fan har skôging ‘Obe Postma, un tachtiger yn Fryslân’ de wei frij makke foar in oar perspektyf op de poëtika fan Postma. De trochbraak kaam lykwols, tink ik, fan Breuker. Hy hat yn ien fan syn oraasjes¹ tsjin it klisjee-byld yn in nij perspectief op ’e poëzij fan Obe Postma presentearje wollen. Dat is it perspektyf fan it ‘sublime’. It sublime definiearret hy as ‘een thematisering van het als innerlijk dualistisch ervaren bewustzijn, dat op zoek is naar de grenzen van het kenbare of oneindige’ (side 1). Breuker bout fierder op it wurk fan Longinus (earste iuw nei Kr.), dy’t as ien fan de earsten oer it sublime skreaun hat. En ek op Burke’s *A Philosophical Inquiry into the Origin of Our Ideas of the Sublime and Beautiful* (1756) en Kant. Dizze lêste, dy’t de estetyk yn syn *Kritik der Urteilskraft* (1790) – twadde boek, ‘Analytik des Erhabenen’ - behandelt, bringt neffens Jean-François Lyotard (*Die Analytik des Erhabenen*, München, 1994) it sublime as folget op formule. It giet om ‘Das Erhabene als Erhebung über die Sinnlichkeit; das Schöne als das, was interesselos, aus sich selbst heraus, ohne Begriffe, als Objekt eines allgemeinen Wohlgefallens gefällt. Das Schöne rufe ein Lustgefühl hervor, das er – im Gegensatz zum rein sinnlichen Wohlgefallen – für verallgemeinerbar hält. Es ist auch für sich genommen weder nützlich noch moralisch gut. Im Rückgriff auf Burke grenzt Kant das Erhabene ebenfalls vom Schönen ab. Für Kant ist ein Objekt erhaben, wenn es erhabene Ideen im wahrnehmenden Subjekt hervorruft. Solche Gegenstände findet er vor allem in der Natur, wobei die geistige Verfassung des Betrachters (des Subjekts) die entscheidende Rolle spiele, denn die Natur alleine ist ohne die Vernunftideen des Subjekts nicht erhaben. Maßgeblich für das Erhabene ist eine Bewegung des Gemüts. Erhaben ist für Kant, was schlechthin groß ist, was über alle Vergleichung groß ist. Die Unangemessenheit unseres Vermögens der Größenschätzung erweckt das Gefühl eines übersinnlichen Vermögens in uns’.

As ik it Kantiaanske proaza parafrasearje mei, dan betsjut dat foar my, dat de minske, it dier mei ferbylding om sa te sizzen, begrinzge en langjend nei ûntgrinzging, yn de keunst (yn dit gefal de sublime poëzij fan Postma) de sintúchlikheid transendearret (‘Das Erhabene’; ‘Erhebung über die Sinnlichkeit’), belangeleas it terrein fan de deistige en wittenskiplike taal ferlit (‘interesselos, ohne Begriffe’) en dêrmei de skientme – ‘Das Schöne’ - fan de poëzij ûndergiet; de lêzer wurdt sa optild en op de twa springfearen fan it minsluk bestean (subjektiviteit en tran-

sendinsje) oansprutsen. Dat is, alteast foar my, treastlik. Dat is in hiel oar perspektyf as dat fan de boppeneamde resinsinten; ek oars as dat fan Fokke Sierksma. Yn Sierksma’s fisy² op Postma’s dichtwurk stiet sintraal dat de minske ienheit siket, in ienheit yn en efter al syn bitsjuttingen, in ienheit fan twa healen, wêryn’t syn libben barsten is. De minske is nei Sierksma’s fisy út it lead slein; dat giet op maatskiplik flak mei sosjale desintegraasje mank. Foar dy sosjale desintegraasje is mar ien remeedzje, te witen de sletten mienskip. Sa’t men wit, stiet it stêdsje Dokkum yn *Bern fan ’e ierde* model foar de sletten mienskip. Yn it neamde essay is Sierksma polemisk as altyd. ‘Party minsken hawwe neat op dichtkunst tsjin, salang as dy deselde funksje hat as de goeije segaer nei it miel. Nê, poezije is it iten sels!’ Hy hellet syn foreare learmaster Gerardus van der Leeuw derby, dy’t stelt dat de dichter de dingen sjocht sa’t dy binne. Sierksma seit, dat Postma de taal praat fan it gewoane libben, dus gjin útwrydske taal. It soe lykwols, sa tinkt my, net moeilik falle in hiele list fan útwrydske termen oan te heljen (‘it hûs bidet de bern’, ensf.). Yn Sierksma’s fisy wurdt it gewoane, deistige libben optild nei de ivichheit. Wie it earst sa, dat neffens Sierksma Postma de taal praat fan it gewoane libben, ien side fierder seit Sierksma dat de poëzij fan Postma in wrâld op himsels is, dy’t it karakter hat fan in röntgenapparaat dat it hiele lichem trochstriolet.

No, nei mear as tweintich jier, kin men sizze, dat Breuker mei syn boppeneamde oraasje it klisjee-byld op Postma’s dichtwurk, lykas men dat oeral tsjinkaam, trochbrutsen hat. Mei rjocht ferwiist hy nei de ynfloed fan Georg Simmel (*Lebensanschauung. Vier metaphysische Kapitel*, München/ Leipzig 1918). Men soe Friedrich Nietzsche dêroan tafoegje kinne (sjoch bygelyks it dicht ‘Dêr giet de wrâld net mei foarút’, side 272 SF.). Mooglik is, dat de poëzij fan Postma net sasear fokussearre is op de grinzen fan it kenbere - sa’t Breuker wol - mar dat der in oan de libbensfilosofy ontlind patos oan ten grûnslach leit. Postma ûntdiek yn ’e tweintiger jierren de libbensfilosofy as in grutte, nei it irrasjonalisme oerhingjende reaksje op it intellektualisme. It is net ûnmooglik, dat Postma, mooglik fia Simmel, ek kennis nomd hat fan (dielen fan) it wurk fan Goethe. As Goethe neitocht, dan socht hy de klank fan ’e ferskynsels út te wreidzjen oant in kosmyske harmonije. It libben soe foar Goethe - krekt as foar Postma – antitetysk wêze, as tinken yn konflikt kaam mei libben, as it tinken har ôfsplitste fan it libben.

Yn dit ferbân, dat fan de mooglik libbensfilosofyske ynfloeden op Postma, is fan belang wat Breuker seit yn syn skôging ‘Obe Postma en Lebensanschauung van Georg Simmel’ (sjoch webstee OPS). Hy seit: ‘Het behoeft dan

¹ Ph. H. Breuker, Obe Postma als auteur van het sublieme. Rede, uitgesproken bij de aanvaarding van het ambt van gewoon hoogleraar in de Friese taal- en letterkunde aan de Universiteit te Amsterdam, 31 mei 1996. Fryske Akademy, Ljouwert.

² F. Sierksma, Bern fan ’e ierde, In essay oer it dichtwurk fan Obe Postma, Laverman, N.V., Drachten, 1953.

ook geen betoog dat Postma veel als eigen herkende in de ideeën van Georg Simmel, zoals deze ze in zijn *Lebensanschauung* (1918) ontvouwde. In dat werk definieerde Simmel het leven zoals hij dat als objectieve, transcendente werkelijkheid zag, zo (ik haal hem hier aan met Gregor Fitz, ‘Soziale Erfahrung und Lebensphilosophie: Georg Simmels Beziehung zu Henri Bergson’: ‘Dass das Leben absatzloses Fliessen ist und zugleich ein in seinen Trägern und Inhalten Geschlossenes, um Mittelpunkte Geformtes, Individualisiertes, und deshalb, in der anderen Richtung gesehen, eine immer begrenzte Gestaltung, die ihre Begrenztheit dauernd überschreitet, - das ist seine wesensbildende Konstitution.’

Tsjin dizze eftergrûn krije rigels út de bondel *Fryske lân en Fryske libben* (lykas ‘O, it libben komt en it libben giet / Op simmer sil winter komme!’ (‘De Parrebeam’); ‘Dêr driuwt en dûnset mei lûde nocht / Dyn libben, myn Fryslân, hinne’ (‘Wintermiddeidream’); ‘En foar my stiet har hiele wêzen, / Har lange libben fan Fryske frou / Op har âlde troanje te lêzen’ (‘Foar it âlde húske’); ‘In libben sa warber, wiis en kloek / Dêr koe wol in hûs op driuwe’ (‘Foar it âlde húske’); ‘Mar mear noch bist’ my no: it hiele libben / Fan Fryslân joust’ my en fan ’t folts de siele (‘De Rimmen en Teltsjes’ fan de bruorren Halbertsma’); ‘Want, o wat leafde bynt my / Oan minskene libben fêst’ (‘It forline’); ‘Yn bernetiid is alle libben wille: / Sa ús it libben wetter fan ’e stream’ (‘Houster Herne’); ‘Hoe bisto it byld, myn apelbeam, / Fan it brûzjende libben, in ivige stream / Dy’t komt mei hege weagen! / En al it lok fan in

libbenstiid, / It weag’t troch myn siele sa heech, sa wiid, / Hoe fier ek de jierren teagen’) in kontekst en (neiere) betsjutting. De grutte neidruk fan Postma op wurden as *streame* en *feroarje* jouwe oan, dat hy himsels oansprutsen field hat troch wat de heraklityske elementen fan de libbensfilosofy neamd wurde kinne. Fan belang is, dat Postma muoite hat om alles wat mei beweging en feroaring út te stean hat, tsjin in eftergrûn fan in op himsels ûnbeweechlik substraat út te lizzen. Mooglik fettet hy feroarings op as in spul/boartsjen, dat de logos mei himsels spilet. It libbensfilosofyske patos fan Postma herhellet yn syn gedichten yn alle toanaarden, dat it ûnmooglik is om fia it *wurden* en it *feroarjen* troch to stjitten nei wat statysk is. Hy ferset him der tsjin de libbene werklikheid fêst te spikerjen op de statske kategoryen fan it abstrahearjende tinken. Sa komt by Postma it libben, troch wat Nietzsche de ‘Unschuld des Werdens’ neamde, oan de oare kant fan goed en kwea to stean. ‘Yn it hjoed is ek ’t ferline: it libbet jit! ... / Dit is it suverst lok; ien mei natûr, / Mei alle libben ien, ien mei de Geast, / Dy’t alle libben draacht!’

Tsien jier Obe Postma Selskip

Tsjin de eftergrûn fan it (min of meer) fernijde perspektyf, lykas dat boppe yn grutte halen sketst is, waard yn 2006 it Obe Postma Selskip oprjochte. De driuwende krêft wie Philippus Breuker. Troch syn krewearjen waard wurke oan wat Postma yn in gedicht sa treffend sei: ‘It doe yn ’t hjoed wer wûn’. In grut part fan de destiids yn it *Tsjienjierreplan* omskeane doelstellingen binne realisearre.

De doelstelling ‘het bevorderen, verbreden en verdiepen van de bestudering van het oeuvre van de Friese dichter en wetenschapsman Obe Postma, het bevorderen van uitgaven, betrekking hebbend op zijn werk en zijn leven, alsmede van heruitgaven van zijn eigen werk, en het publiceren en toegankelijk maken van zijn handschriften en aantekeningen’ hat - yn it ramt fan de Obe Postma Rige - resultearre yn de folgjende boeken: (1) Philippus Breuker en Jan Gulmans (red.), *De dichters en de filosofen. Wijsgerige aspecten van de poëzie in Nederland rond 1900*. Ljouwert 2008; (2) Philippus Breuker (red.), *Omt ik foar Dea net stilstean koe. Trettjinris Because I could not stop for Death*. Ljouwert 2008; (3) Philippus Breuker en Jan Gulmans (red.), *Emily Dickinson in leven en dood. Haar liefdes, haar werk en haar nawerking*. Ljouwert 2009; (4) Obe Postma, *Veld, huis en bedrijf. Landbouwhistorische opstellen* (ed. Philippus Breuker, m.m.f. Meindert Schroor en Tineke Steenmeijer-Wielenga. Hilversum 2010; (5) Guus J. Borger, Philippus Breuker en Hylkje de Jong (red.), *Van Groningen tot Zeeland. Geschiedenis van het cultuurhistorisch onderzoek naar het kustlandschap*. Hilversum 2010; (6) Philippus Breuker, Jan Gulmans en Hylkje de Jong, *De fascinatie voor Slauerhoff*. De Gerdyk 2011; (7) Jan Gulmans (red.), *Obe Postma yn it Russysk* [trijetalige útjefte]. Ljouwert 2011; (8) Jan Guichelaar en George Huitema, *In beeld en tekst: Zekerheden in waarnemingen. Natuurwetenschappelijke ontwikkelingen in Nederland rond 1900*. Ljouwert 2011(9) Jan Guichelaar, George Huitema en Hylkje de Jong (red.), *Zekerheden in waarnemingen. Natuurwetenschappelijke ontwikkelingen in Nederland rond 1900*. Hilversum 2012; (10) Philippus Breuker, Goffe Jensma en Hylkje de Jong, *Geschiedschrijving 1900-1940, in het bijzonder over Friesland*, Hilversum. Verloren, 2013; (11) Geart van der Meer, Jan Gulmans (red.), *Obe Postma, Dichter fan it Fryske lân, Utjefte ta gelegenheid fan de ûntbleating fan de buste fan*

de dichter en wittenskipsman, Ljouwert, 6 novimber, 2014 en (12) Philippus Breuker (red.), *Obe Postma. It deistich bestean by âlds. Samle histoaryske opstellen II*; [Ljouwert.] Wijdemeer, 2015.

Op in grut tal stúdzjedagen is foarm jûn oan de doelstelling ‘Op jaarlijkse studiedagen vormen thema’s uit het werk van Postma het uitgangspunt voor een aantal wetenschappelijke lezingen’. Lykas bekend, foarmet dit nûmer fan *Wjerklank*, in oare doelstelling, it njoggentjinde nûmer. Tal fan reiskes - de measte taret en begelieden troch Philippus Breuker, in inkele kear mei stipe fan ûnder mear Meindert Schroor, Aly van der Mark en Sytze ten Hoeve - binne organisearre. Meastentiids ferskynde nei sokke reiskes in ferslach mei foto’s op it webstee (obe-postma.nl).

Binne der dan hielendal gjin winsken meer? Jaseker, ik neam (op eigen manneboet) in oantal: (1) It bestjoer wol, foarsafier mooglik, yn 2016 de twa boeken *Obe Postma, dichter en skriuwer fan it Fryske lân* (fan de hân fan Philippus Breuker) en it boek *De dichter Obe Postma, libben en wurk* (fan de hân fan Tineke Steenmeijer-Wielenga- en Geart van der Meer útjaan; (2) It OPS wol yn ’e mande mei Tresoar en yn it ramt fan *Ljouwert, Kulturele Haadstêd 2018* in stúdzjegearkomste tariede en ek in trijetalich boek mei in seleksje fan Postma’s fersen; (3) De winsk bestiet om de omtrint 40 komposysjes op gedichten fan Postma yn in boekje út te jaan; (4) It soe moai wêze as immen, yn it ferlingde fan Breuker syn oraasje *Obe Postma als auteur van het sublieme*, de wat ik no mar neam *epifany fan it libben* (sjoch J.D.F. van Halsema, *Epifanie, Historische Uitgeverij, 2006*) ris oan in neier ûnderdyk underwerpe wol/kin; (5) Breuker sitearret op side 14 fan it boekje *Obe Postma, dichter fan it Fryske Lân. In útjefte ta gelegenheid fan de ûntbleating fan de buste fan de dichter en wittenskipsman Obe Postma, seis novimber 2014*, de begjinrigels fan ‘Oan dy’t my lêze sille yn letter tiid’



Gesellige gearsit by in bakje tee of kofje



It Selskip yn de bûtenloft

(*Samle Fersen*, 2005, s. 254). Dy rigels binne: ‘Ik sis net: heger as de piramidebou / En duorjender as koper sis ik net’. Breuker skriuwt dan, dat it sintsje mei de wurden ‘En duorjender as koper’ ferwiist nei in ferneamd gedicht fan Horatius. Dernei seit er dat hy net wit út hokfoar gedicht (of fan hokker skriuwer) it sintsje mei de wurden ‘heger as de piramidebou’ ôfkomstich is. Wolno, dat lêste sintsje komt út itselde gedicht fan Horatius (trede boek fan de *Oden*, nr. 30). De rigels binne: ‘Exegi monumentum aere perennius / regalique situ pyramidum altius’ - oer te setten mei: ‘Ik haw in monumint oprjochte duorjender as koper / en heger as de keninklike bou fan de piramiden.’ It soe moai wêze as in klassikus hjiroer ris in bydrage skriuwe soe foar *Wjerklank*; (6) Lykas bekend, binne der sa’n 800 oantekenskriften fan Postma; allegearre katalogisearre troch Philippus Breuker. In fjirde part dêrfan stiet op dit stuit op DVD. It soe moai wêze as yn de tiid, dat it Selskip noch libbet (oant 2018?) der in antwurd op de fraach komt, of fierdere ûntsluting fan de skriften doel hat en (7) Ien fan de favorite dichters fan Postma wie, lykas bekend, P.C. Boutens. Oer (de gedichten fan) Boutens is in aardich boekje skreaun troch Anton Reichling, S. J.,

te witten *Het Platonisch denken bij P.C. Boutens* (Leiter-Nypels, 1935). My tinkt dat der ek sa’n boekje oer Postma ferskine moat, mar dan mei de titel *Obe Postma, tusken Plato en Nietzsche*. Dan wurdt wier makke wat Philippus Breuker op in reisje op ’t aljemint brocht, te witten dat it tinken fan Postma him beweecht tusken twa poalen, dy fan Nietzsche en dy fan Plato, (8) Op side 14 fan Breuker syn moaie boek *It deistich bestean by âlds* seit Breuker, dat in eigenskip fan Postma syn histoaryske stúdzje is, dat dy frij statysk binne. Dat ropt fragen op as de folgjende: wat is Postma’s perspektyf op skiednis, skiednisproses, skiednisferhaal, skiedniskonstruksje, ensfh. Folge Postma ek op dit mêd syn freon Tjisse de Boer?, en (9) De wurden ‘ljocht’ en ‘libben/libbensstream’ ha meastentiids in metafoaryske funksje by Postma. Dêr is, foarsafier’t ik wit, noch gjin stúdzje nei dien. Yn de ferantwurding fan syn essay oer it dichtwurk fan Postma *Bern fan de ierde* skreau Fokke Sierksma: ‘... der is by myn witten noch nea besocht om in begjin to meitsjen mei it literair forarbeidzjen fan syn wurk’. Ik soe sizze, dat, no’t it Obe Postma Selskip dit jier tsien jier bestiet, men sizze kin, dat dat begjin makke is.



It hjoeddeiske bestjoer: flnr Jan Guichelaar (ponghâlder), Jan Gulmans (skriuwer), Geart van der Meer, Doekle Elgersma, Geke Sjoerdsma, George Huitema (foarsitter)